



In moarn end in joun by Remmert Nyboer end sîn gesin : kluchtich blypil mei sang ...

<https://hdl.handle.net/1874/234487>

102 mm 10905 1870 IV'

IN MOARN END IN JOUN

BY



Remmert Nyboer end sijn gesin.

KLUCHTICH BLYSPIL MEI SANG

in twa bidrieuen.

Fen de skriever fen : *Mal ut Mal thus, De Segepreal
for bigelove, ens.*

BIBLIOTHEEK DER
RIJKSUNIVERSITEIT
UTRECHT.

TO LIOWERT

BY J. G. WESTER.

275

ub 96.

In moarn end in joun by Remmert Nyboer
end sîn gesin.

Sneijpersdruk van J. R. Miedema, te Leeuwarden.

Br., 1870. IV, 1

IN MOARN END IN JOUN

BY

Remmert Nyboer end sijn gesin.

KLUCHTICH BLYSPIL MEI SANG

in twa bidrieuen.

Fen de skriuer fen : *Mal ut Mal thus, De Segepreal
for bigelove, ens.*



TO LIOWERT

BY J. G. WESTER.

Personen in 't foarste bidrieu.

REMMERT. *In boer.*

LYKELTSJE. *Remmert sin vrou, boerinne.*

JAPKE. *Hir dochter.*

LOLKE. *De soan.*

SAEPKE. *De skroar.*

WIMKJE. *De faem.*

HARKE. *De feint.*

MOSES. *In joad.*

In it oarde bidrieu.

A l de foarigen mei de:

LANHEARE. *In jonkerboer.*

It foarste bidrieu spilet in de deistige, it oarde bidrieu in de prunkkeamer sen Remmert Nyboer.

In moarn end in joun by Remmert Nyboer end sîn gesin.

BLYSPIL ïN TWA BIDRIEUE N.

Foarste bidrieu.

It toaneel is de deiske wenkeamer fen boer Remmert. De boerinne sit besïden de tafel de broggen to smarren, dy hia in raspe tsies dippet end roun set. Nionken har sit hir dochter to ierdappel skilen. Mear up de foargroun sit Harke to koalraep snyen. Midden oer de keamer is Wimkje sitten gien to kofje mealen. Lolke stiet aan 't ein fen de tafel mei borstel end schoen in de hannen, to schoen-putsen. Hia benne oliegeare in hir deistige klean, mits Lolke, dy is yet wol in 't underbaite, mar hy is knap forklaid, it is hem ou to sjen dat er foart scil.

It stik spilet up in boerepleats up 'e klai, net malle fier fen Liowert, bigeliks to Wirdum, Goutum, Hempens ef der earne. De tiid fen handeling is op Maye Birgermerke moandei moarne.

1e T O A N E E L.

HARKE.

Hwet is 't moarns yet diverske kåld op it field, de hânnen benne my sùver knoflich fen 't meltsjen.

LYKELTSJE.

Ja junge, mar 't is yet maye, end maye seit men wol ken de skiere skrie yet fen »kåld kåld« kraye.

JAPKE.

Ei mem, hy praet sa mar hwet, um dat er it lant
het oan 't koalraep snyen.

LYKELTSJE.

Benn' dat de boer sīn giesen? Dou kenste se ūs un-
der thedrinken hiel wol gau in daelders snye, it is ūs
lēste soad, end as der hioed in goed stik spek in bisean
is, sis ik, end dat ha 'k altiid sein, den scil jimme
se hiel wol lēste.

HARKE.

Frou wul fēst sisse, dat Harke net kleye scil oer
knoflige hānnen, as 't oan krebjen ta kumt. Mar ik
hāld fol dat it moarns kāld is.

2e TOANEEL.

*De foarigen mei Remmert, dy under it
petear in kaem is. Ity het him — ken men
wol sjen — huet um de holle spield, hy
nimt de skoeteldoek fen de tafel end drēget
him der mei ou, wilst er up Harke sīn
sissen fulgje lit:*

REMMERT.

Mar ik lieau doch dat wy foroaringe fen waer krye,
it het my fen nacht den sa in 't lofter skalderbled stitsen.

WIMKJE. (*Dy 't kofjemealen dien
het, end in 't bakje siucht, end
der mei oer ein giet, end it
bakje — um er oaren in sjen
to litten — oer de tafel halt.*)

Der seit de boer hwet dat ik daelk lieau, siuch is,
sa flucht de kofje in 't bakje um, en dat bitsjut unwaer.

LOLKE. (*Loaitsende.*)

Ha! ha! ha! ho mear as 't dou den in 't kofjemealen
henne en wer skoddeste, ho mear unwaer as wy krye.
In moai middel om unwaer to kryen. Nou ken men
begripe dat it jamk sa unwaeret, in bilte kofje meal-
ster benne sa rūsich!

LYKELTSJE.

Spot mar net mei de buter heite , ik sis , end dat ha
 'k altiid sein ! mennich it er brea mei. Dou kenste
 hioed bëst hwet up dîn baitse krye.

WIMKJE. (*Dy de kofje út it bakje
 wei in de koffjetsjettel dien
 het dy oan 't ein fen de ta-
 fel stiet , ougeande.*)

Dat scoe men hoopje , den kaem boantsje moai om
 sìn loantsje.

3e TOANEEL.

*De foarigen sunder Wimk. De boer is wilst
 tsjin Harke oer, nionken Lykeltsje sitten gien.*

HARKE.

Dat is ek bëst moglik , hwent Birgemerkes reint it
 meast altiid.

JAPKE.

Ik wit to minsten net hwetste by skoen putste , hald
 dèr mar mei up hiu , hwent as 't it mei de holle net
 birenste , mei de foeten to minsten net.

LOLKE.

Nou , hear nou is oan , wol/dou pist , end as 't dou
 er is út siste is 't in wunder ho alles in fierend mat.
 Tríp trap , trip trap , sa trippelt jifrou dèr henne.

(*Hy bout in forsichtig geande jifrou up
 bispottelike wiise nei.*)

REMMERT.

Stil , gjin gegekoanstek in de iere moarn , dou maste
 hioed lieaver mar goed út dîn eagen sjen , end lit dy
 net bidraye. For de kou mast op sìn minst hundert in
 fiiftich easkje , end foar it hokling wol fiif en sestich.
 Dou kenste altiid to ouslaen kumme , end dou hest dèrre
 to Birgum kyhandlers dy by de pinken benne , dèr
 kenst up oan.

LOLKE.

Lit heit my dèr mar fry mei oanpiele. Kenne hia lekje, ik ken priisjje. It is gies um goare, habbe hia in mule, ik nim miners ek mei.

(*Lolke het under ien end oar sín jaske oandien, strikt der de borstel oer, end sa siucht er by it sissen fen it leste in de spegel. Nionken de spegel henget in trump aan de mure.*).

LYKELTSJE.

Hea Lolke, dou stiest er nou foart by, stap efkes op in stoel en jow my in bak út de trump dy der oan de mure hinget.

LOLKE.

Junge ja, kry ik earst yet in bak op it brogjen ?

LYKELTSJE.

Ne dou net, ik hab er dy in stik pîkelflesk uplein, mar it is foar Saepke. Saepke komt hioed to nayen.

HARKE.

O Lolke ! hearst it ? Saepke kumt hioed, den meist din hert wol thûs blieue litte.

LOLKE. (*Mem de bak jaende*).

Um twa magen mei to nimmen, lik as folle plesier-merke-reisgers likje to dwaen, der scoe men — hwet my oangiet, — it bêste fen hoopje.

LYKELTSJE.

Dat sis ik mei, in feint as dou, ken wol oars oan kumme, ik sis, end dat ha 'k altiid sein, ien mei modder oan de kloet....

REMMERT. (*Falt hiar in 't wird*).

Krye wy hioed de skroar al wer ? Dat is mar wike op wike in skroar, O ! lieave goant, by heit end mem wît ik yet skoan, kaem alle healjieren in skroar oer de flier, faeker net.

LYKELTSJE.

Nou ja — dat scil den fèst ek wol wèst ha do se yet feint end faem wieren, ik sis end dat... (*de oaren begjinne to loaitsen dat se skodsje*). Wèr?... wèr? ~~==~~
loaitse jimme um?

JAPKE.

Wel om mem, mem seit dat pake en beppe fèst yet feint en faem wieren, do heit end hir dèr alle heal jieren mar in skroar oer de flier seagen.

LYKELTSJE.

Nou ja, ik woe mar sisse, end dat.....

LOLKE.

Wol ja, dat de àlders troud benne end bern ha kenne, end dat se doch feint end faem blieue. Rie rie hwet is dat? Ha! ha! ha! (*Lolke stoppet de piip*).

REMMERT.

Allegeare allike folle hwet dat is, mar dit sis ik mar, dat hiere al raer hwet by en/or lape wirt. Japke sit soms hiele dagen to nayen, (*tsjin Lykelstje*) dou jamk in healen, end Wimk alle jounen, end doch is min fesje in saun dagen yet net makke wirde kennen, (*spitgniesjende*). Hier wirde fèst mar altiid moaye jirkjes end jepontsjes, kraegjes end kantjes by en/or flàNSE, oars scoe de boer sìn fesje gjin wike oan ien in flarden umtiermje.

LYKELTSJE.

Ik sis, en dat ha 'k altiid sein, as de manliu oan 't hushàlden kumme den scoe men de bûse ûtskurre. Mar kum oan *it is my it* likl wirden net wirdich, lit *us* de hannen gear nimme.

4e TOANEEL.

DE FOARIGEN. WIMKJE.

*Wimkje kumt gisten up mei in gortling
in de han, dat se by Harke del set, under
it sissen fen:*

O hearink, scil ik jimme gau is hwet fortelle? ef
wîte jimme it al?

DE OAREN.

Hwet mienste?

WIMKJE.

Dat er sen nacht strûnjeyers up ûs hiem west ha, dêr
stiet mei krit in hiele rîm up de skurredoar.

*Allegeare mits de boer end vrou mei
greate binying.*

In rimstik? Dat matte wy daelk sjen.

It jungfolk rent bare flink ou.

5e TOANEEL.

REMMERT end LYKELTSJE.

REMMERT.

Ei Lolke blieu dou hier mar end meitse lieaver foart,
dou biste neat to foarlik nei min sin, it spoar wachtet
net. Dealis, ik wit net hwet se nou wer foart dugge
to fleanen.

LYKELTSJE.

Né, dat sis ik mei, mar dou seiste ny 's dou wist
net hwet Saepke hier binaye scoe, mar ik sis end dat
ha 'k altiid sein! sukke dingen mast dy net mei bi-
moeye, dat benne frouliu's saeken. As 't wiif de boel
binnen doar knap by en or hald, ef dat se it utride
lit, dat skeelt satulle. Dou maste gjin janhen wirde,
gin my doch in skroar, end de fyfkes dy der oan foart
geane der scil dy gjin lest fen oer kumme.

REMMERT.

Dat wît men yet net, der bistiet in forbân mast tinke

tusken in skroar end moaye klean, tusken moaye klean end in klaying-keapman, end tusken skroar, moaye klean, keapman end in doarwaerder, end twisken doarwaerder end neaken en bleat op de dik stean, begripste ? End dat siuch ik er in.

LYKELTSJE.

Ja — ik sis, end dat ha 'k altiid sein, it giet dy lik as Yntsje Jans, dou siuchtste jimmer helte mear as in gewoan kristen menske, mar siuchtste den ek nen bān tusken in skroar en ûs Lolke ? Der hab ik mear noed mei. Saep is leidich end ûs soan jung, end as 't moglik is den mat er heger oan, end der um nim ik Saep hioed siuchtste ? Hioed krekt, nou Lolke foart end nei Birgermerke is, den ha se hioed en or net up 'e wink, end ik sis, end dat ha 'k altiid sein, ût it each, ût it hert. Sis nou is of ik it net forsannich oanlis.

REMMERT.

Bisunder, bisunder ! mar den sit dat er efter.

LYKELTSJE. (*Skenkt kofje in.*)

Ja — end der sit yet mear efter. Birgum is in fornaeme pleats, end nou ben ik — fen praet kumt praet — wîs wirden dat dèrre yet al moai forskate fammen benne, knap end wolbiheind, end ek mei duiten dy net bisteld benne. Nou Lolke is net unknaph, dat sis ik end dat ha 'k altiid sein; fielst it nou ? (*Hia stimpt Remmert oan*) men koe nooit wite wer de junge sîn avontur sit. Klai of wâlden, dat scoe dy 't selde wol wese, as er mar to rispen foel.

REMMERT. (*Loaitsende.*)

Ha ! ha ! ha ! Gekheid, allegeare gekheid. Trieu in foreale bernehert in in âldwiive snufdoase, end dou krigeste in unhûrich stik flesk. Lit de bern mar stil in de apel bite dy Oerâlda hiar jowt, dèr scil se it bëst fen dye; fulchje mîn ried, end blieu bûten de bern hir fryerye. Ik ha hioed fulle mear sorch end noed foar Lolke sîn jild dat er foarde ky bart, as foar sîn foreale sinnen.

5e TOANEEL.

De foarigen. It jungfolk kumt under drok petear wer in.

TRUCH END OR HINNE.

Dat het Gauke ûs stellich lapt. Ja mar de undermaster is ek in raeren ien. Ik hald 't er stellich foarnimmen oars as de nye klerk fen 'e siktery, ens.

REMMERT.

Ei hâld dochs up mei dat gesnetter, kum lieaver by de tafel en lit ûs foartfarre.

LYKELTSJE. (*Wilst de bern end boden — mits Lolke — hir plak wer innimme*).

Nou — vertel ûs nou ek is, hwet er up de skurreddoar stoe.

LOLKE. (*Wilst Wimkje kofje in yet, en Lolke de thestove nimt om aan it komfoar dat der in stiet de piip aan te stekken*).

Dat seil ik mem sissem; der stiet in knap skrift up de skurreddoar:

»Hier ha de fammen er slach fen um fryers to luken!
Dy wîte hwet se lieaver ha as smoarkoeken.“

REMMERT. (*Loaitsende*).

Ha ! ha ! ha ! dat ha dy sliuchte frouliu nou foar hiar glurkjen end malfarjen. Sa kenne se yet is in 't almanak kumme ! ha ! ha ! ha !

JAPKE.

Wy benne neat oars as oare fammen, der hoeft heit sa net fen to bearen, suver neat oars, hwet seist' dou oars Wîmk.

WIMKJE.

Ne neat oars, alle fammen dy 't libben lèste, meye up hir tiid wol graech is in feint up side ha. Sa giet it ûs, mar in oar ek.

LYKELTSJE.

Hearst it Lolke? Wimkje seit: as de fammen it libben lèste, wulle se up tiid wol in feint up side ha. Dér maste hioed to Bergum mar um tinke, sikje dér mar is ien ût mei modder aan de kloet, hwent sa ien is dien föech wol, dat sis ik, end dat ha 'k altiid sein.

HARKE.

O headen ne Lolke, duch dat net. Nim din hert end froede sinnen wer mei nei hus, hwent o! dy Birger frouliu! ik sis 't jimme der benne goeds under dy kenne hiar redde. Hwet ha se my foar in jier mennich is kroade, dat forjit my nea.

LOLKE. (*Set de thestove wer del.*)

Ho den Harke, fortel ûs dat gau is.

HARKE.

Wol nou, 't is nou in jier mennich lin, it wie do 'k yet by Greultis wenne, do masten wy ek nei Birger merke, ikke, Mient end Sye, wy rekken mei ûs tryen in de faitonne, Mient end Sye kaemen des tiids in Trinwalden by de frouliu, end der scoeden hia den mei to lits Bergum-merkje, end ik scoe den to Bergum min avontur sikje. Do seach ik derre up de huke ten in steech sa 'n eeuich knap faem stean, mei in kleur as molke end bloed, it wier in skildery.

JAPKE.

Den wie se yet knapper as Wimk, Harke?

REMMERT.

Stil, gjin gesnetter, lit Harke 't ût fortelle.

HARKE.

No, ik knikte har ta, hia knikte werum, ik glimke har oan, end hia glimke my oan, ik tochte dy wul hwet, ik die de drieste skoen oan, end ik up har los. Ik frege har ef se ek wiste wèr eane hier sigaren to keap

wieren. Ja, dat koe se my wol bitsjutte. Do frege ik ef se ek wiste wer men se oanstiek. »Oan d' iene of oare ein," sei se, »in de midden hie se nea fen heard."

LOLKE.

Den wie dy ek net up de mule fallen do 't praten leard waerd.

HARKE.

Um 't efven net. Ik sei: »nou jou kenne je redde lieave, je benne net fen jister, mar stel dat ik joun is by jou kaem um in sigaer ef piip oan to stekken, ken ik er den up rekkenje dat je mei my to merkjen geane?" Do lake se den sa, end derby kaem ik in rige snie wite tosken to sjen, wel man! it wier in marakel, sa moai.

WIMKJE.

Hearink hearink! werst' ek net um tinkste, um de tosken, hwa tinkt nou um 'e tosken?

REMMERT.

As de feinten der mar mear om tochten den trouden se fest nea mei ien mei hier up de tosken. Hwet seist' dou oars Lykeltsje?

LYKELTSJE.

Ik sis, end dat ha 'k altiid sein!....

LOLKE.

Harke mat gau foart farre.

REMMERT.

Nou, hwet dwaen de frouliu 'r den in mei har gesnetter. Ho gung it do Harke?

HARKE.

Hia lake, end to mear waerd ik op har foreale. Earst like 't wol dat se neat fen my wite woe, mar up it leest kaem it sa fier dat hia 'r net tsjin wese scoe as har hushear it mar lye woe, wèr ût ik upmakke dat hia hushaldster wier by in ald rentenier af sa. Hia bitsjutte

my wér Lia wenne , end sa stelden wy 't dat ik er de joune um in ure ef acht kumine scoe. Ik wier mei min fangst dusdaenich in de wolken , end in min oeremoedigen drukk ik er mei Sye en Mient mar in goed glès win up. It koe do wol lye. Nou, ik er de joune up los. Ik foun har in skimerjoun by de tafel sitten , end foar it rampt in de huke siet in knap jungkearel. Up de tafel stie in panne mei smoarkoeken , waerm end wol , ek rukt' er fen fet brieden. Ik wenske hiar frieunlik goen joun , end hia wensken 't my wer um , end laken beide bidest end aerdich. My waerd in stoel joun end in piip presentaere , wy praeten hwet , mar up it lèst frege ik den mar »ef hia ek hast klear wier , end et hia ek mei út gung ?” »Klear end klear ,” sei se , »is twa , ik hie 'r sa'n stummen sin oan um is mei sa'n tseppe klai feint to merkjen , mar min man hiere ,” end der mei sloech se de jungkearel nionken har op it skalder , »dy wol 't net lye , is 't net binaud ?” End do hia dat sei lake se dat se skudde. Ik sei : »Ben je den troud ?!” »Ja ,” sei se , »mar dat je my yet net foar in ald wiif slieten , ken 'k jo forjaen , hwent wy benne yet mar álve dagen troud wést .” Ik waerd — um it wird — my jimme wolnimmen — in de iere moarn mar to braken , divels , ik slöech up de tafel — dèr siet ek in snaps in end den wirt immen meastal hwet skermmanestich , no — ik slöech up de tafel , end ik sei : »hwet divel nou , sa ben 'k yet nea forrifiele , dit is gemien dwaen .” »Hou , hou !” sei se , »bidaerje hwet feint ! ik ha jou min wird jown , foar sa fier as min hüs-hear it lye woe , siuch hwet scil ik dèr nou oan dwaen. Mar wés nou mar to freden , praet hier hwet , end smook hier hwet , end wy habbe — um dochs hwet to merkjen — smoarkoeken bakt , it jou mar stil in smoarkoek mei ús. Wer wenje jou egenlik ?” Ik sei : »det rekke hiar net , mar in elts gefal dèrre , wer se wol wissten hwet hia lieaver hieden as smoarkoeken , end sa rekke ik , in pleats fen nionken en jung faem to merkjen , mei in glieune holle Birgem wer út.

(*It selskip het wilst Harke fortelt truch loaitsen har nocht oan 't forhael toand. Oan 't ein barst it út*)

Truch in or henne.

O! lieave tretsien! O santsien in gjin ein, o! fadur!
O! kriminikes! Ik sis end dat ha 'k altiid sein!....

LOLKE.

Dy grap heste ús nea earder forteld.

HARKE.

Nou, hwa fortelt sín egen missetten ek. It rolle 'r nou sa út, um dat vrou-Lolke to Birgum oan in faem ha woe.

REMMERT.

Ja moai! Dou fortelst it up de riuchte tiid, Lolke ken der in les oan nimme end siuch goed út sín eagen.

LOLKE.

Heit wol sisse — dat ik nen troud wiif foar in faem oansjen mat. Ik scil my gjin bline hinsers foar de doar lisze litte, der foar ha 'k yet in to goed forstan.

REMMERT.

Ja junge! dat sei de snöek ek al do er de kikkert in 't wetter sparteljen seach. »Do sist' my net forrifelje,« sei er, mar mei dat al, hy krige 'r sin oan, hapte eindliks ta, end sa krige 'r de heak in de bek, rekke fest en stoar mei nei bïrou.

LOLKE. (*Stekt de piip yetris oan*).

Ik scil my net fange litte, sa moai scille de kikkerts net kroakje, hab er gjin noed mei.

HARKE.

Ef Saapke mast sa fulle mans wese.

LYKELTSJE.

Ei hwet praetste fen Saap. Lolke ken wol heager oan. Hy mat to Birgum sis ik, end dat.....

REMMERT. (*Tsjin Lolke mei oandacht.*)

Tominsté hondert end fiertich foar de kou end up sín minst trye en fiiftich foar 't hokling barre. Dou wist it, dat het Haise Hoarn ús bean, en foar dat bod stiet er yette.

LOLKE. (*Dy yet in pantsje sol kofje up drinkt.*)

Ik scil der wol mear út meitse.

LYKELTSJE.

Nou, as 't er in dekeat mear út makkeste, den sit er in frolike joun up. Jimme praete den fen smoarkoek-bakkerye. Mar den scille wy dy grap is ha, den scille wy is smoarkoek bakke.

HARKE en WIMK.

Moai frou, moai!

JAPKE.

Den masten wy er lanheare joun al up unthelje.

LYKELTSJE. (*Stumpt Japke oan dat se swye mat.*)

It waer seil hioed lieau ik wol gean, it wirt hwet liochters. Hark! Stil! rupt Geale net? (*Allegearre harkje se.*)

LOLKE (*siucht thruch 't ramt.*)

Ja wrichtich, Geale is wrammels al mei de ky up de dik. Jow my min brogge sa mar.

REMMERT.

Ik sei it al, it mealt fiersten to lang um.

LYKELTSJE. (*Het de brogge in instik pompier beteard, dy se Lolke sa oerjowt.*)

Nou goereis Lolke; pas up en kry nen ungeluk.

REMMERT.

As dèr up to passen foel, scoe 'n er net folle unge-lukken wèse.

LOLKE. (*Ougeande*).

Goe moarn allegear.

D' OAREN.

Goereis

JAPKE. (*Him neiruppend*).

Swiet wolkom thus mei nimme.

LOLKE. (*Fen fierien*).

Dat hoopje 'k.

6e TOANEEL.

DE FOARIGEN (*sunder Lolke*).

REMMERT. (*Oereingeande*).

Hawar, ik ken 't net helpe, mar en goed boer sorget allike folle fen 't fè ou dat er great brengt, as fen sìn egen bern. (*Ougeande thruch de foardoar oan de riuchterside, dèr Lolke ek ta'n út gien is*). Ik mat se de dik in eintsje útbrenge.

LYKELTSJE.

Siuch, nou dou wer foart to fleanen. (*Remmert ou*).

7e TOANEEL.

DE FOARIGEN. (*Sunder Remmert*).

Nou wy farre foart, it is al sa let as ik wit n't hwet. Kum wy bite 'r mar in, domeny mat snein mar in goed wird foar ûs dwaen. (*Hia bite in de brogge*).

WIMKJE.

Ik tink er faek um, moandei moanen is 't hier al-tiid let.

JAPKE.

Sis dat net Wimk, hwent do mem dy fen de moarn rôp, du seiste: »o hearink hwet is 't yet betiid.«

HARKE.

Just Japke, sa wite de mensken in bilte dingen ût'to
lissen sa 't bëst past. Mar 't scil my is lèste hwet
reis as Lolke hioed krike.

LYKELTSJE.

Dat scil hiel wol goed gean. Ik sis, end dat ha 'k
altiid sein, Lolke benne de saeken tabitroud.

WIMK. (*Tsjin Harke.*)

Hy is to minste gau gearder as dou, hy scil gjin
troude frouliu foar fammen oansjen. (*Lud loaitsende.*)
Dy grap is den sa stumme moai, ha! ha! ha! — dat
as wird ik in àld wiif dy 't up in krukje springt, ha!
ha! ha! den scil ik dèrre yette um loaitse.

HARKE.

Sliuchte blei, den scil dy 't loaitsen wol forleard
wëse, mar ik ha mar lieafst dat st' er fen swyste,
hwent as in gek er fen kumt to hearen, dy makket er
licht in boerefrisk stik fen in 't almenak, end der wul
ik mar lieaver net in.

JAPKE.

Krigeste dy nacht ek oars hwa op side?

HARKE.

Och hwet scoe 't, nen wearlach, al hwet trinten end
knap wier, wier bisteld ef binnendoaren, end hwet
oerblieu wier mìn gading net.

WIMK. (*Krekt as hearde se hwet.*)

Stil! hoar! (*Hia giet foar 't ramt stean*) dèr wirt ruppen — (*Foar 't ramt.*) O hearink siuch hier is, o kre-
mis hwet giet dat hokling oan!

(*Hia geane ringen olle geare foar
it ramt stean.*)

HARKE.

Te deale dat giet forkeard. (*Harke ou.*)

LYKELTSJE.

It leit lieau 'k wrichtich al in de sleat. (*Lykeltsje ek ou.*)

JAPKE.

Der wol ik ek by wèse. (*Japke ek sa.*)

Se T O A N E E L.

WIMK. (*Allenne. Yet foar 't ramt.*)

Dat het de klai buppe de wàlden foar, dat men it rume field oersiucht, end sa bart it sims dat in faem snieun ef sneintojounen har fryer kummen, ef moandei moanen in nochtren hokling in de sleat roljen sjen ken. (*Hia giet foar it ramt wei enul begjint de boel hwet up to redder.*) Mar dèr um net, do 'k in de Foxegatten, to Rottevalle end in de Kniipe foarkearde, seach ik in de wàlden ek wol mennich derten hokling up twa schunken fen 't riuchte paed ou in de sleat fen earmoed end fortriet roljen. De libbensstriid is sa great, end eltse menske is in diveltsje jown, der er libbenslang mei to kampen het, wirt it diveltsje baes, den reaget de ingel mei 't glieune swird jin handich it paredis út, end mar al to jamk wirt it diveltje baes end dèrthruch reitse 'r folle buten 't paradis sen frede end ièst, end krekt as 't hokling by de wàl del. (*Hia slacht up it 't hert end sprekt tsjin de taskouers.*) Ik hab ek in diveltsje in my, end 't is it selde diveltsje dat sa mennich jung faem kwelt — it is de sucht nei moai, dy us forret um buppe ús kreft en jild út to blinken. Us boer het wer in oar diveltje, dy mast in it Tirkelân wèse, um hy ken him mei de patsjes sen sin Lykeltsje allenne, net hirongje litte. O! dat diveltsje, it laket sa fininige moai; hwet het it in mennich hus end herte de hel brocht, dèr in paredis wèse kennen hie. End sa 'n man as ús boer scil de order binnendoar hànhavenje: »ik wul nen fryerye aan hus ha" — hawar! it is om slop to wirden fen loaitsen, sels de hannen net thûs hâlde to kennen en den dat. Mar scoe 't folle wettemakkers en sedemasters sa net gean? Mar mei dat al, as wul de boer

nen fryerye oan hus ha, dèr giet hier wol hwet um.
 As Saep hier is to nayen en Lolke siucht rumte, hy
 henget it skroarke gau um de lea, 'k ha 't mei egen
 eagen wol fiif end tweintich kear sioen. Japke — in
 best fanke is 't, nimt ek wol is hwet se krye ken,
 likwols hia is bisundere foarsichtich en stiet bisunder
 up hiar stik 'k Hab sorch dat se to heach oan wul.
 End hwet my oangiet! as hy er him by håld, den blieu
 ik by Harke! Harke en Wimk, end Wimk end Harke.
 Hwet ken 't al stumme aerdich! no ha wy hier al twa
 jier tsjinne, en buten Lolke, Jap en Saep, wit in de
 hus, noch in 't gea, nen kristen siele end sittepit fen
 us iens wesen. Nou seit Harke: it is in raeren ien —
 as de boer dy wer in riksdaeler biet, foar in tutje,
 snap dou dy mar, as de gekken it kwit wulle, ken de
 onnoaselen it maklik krye. Mar o ne! dat net heal,
 lieaver steare as forbearne fruchten ite. Wè! de faem
 dy de moaiste kroane, de kroane fen reinheit end un-
 skuld mist. 'k Ben fry hwet liaver in tsjinstfaem in
 eare, as in floddermadam in skande. Ja, men mat jin
 earen skudsje kenne dat se klappe, den knipt men up
 de neil! end trillet it hert foar God noch mensken.
*(Hia siungt, wils hia 't koerke en aemer upnimit, thruch
 Harke brukt by 't koalraep-snyen):*

(Wiise: *Kaatje kom aan*).

Trinten jungfaem!

Flink end bikwaem!

Earber end rein is yet mear as foarnaem,

O! thruch de wensk um in jisser to likjen —

Wist mennich fanke de deuchd to untwikjen,

Mar jisserke fein!

Din luk wier forspein!

Och hertsje, dou kaemste bidragen oan 't ein.

Moai is us wit!

End 't blieut jamk in striid,

Um 't moaye wer master to warden altiid.

De heachmoed dy slûpte al in Eva hir herte,

End 't jowch oan de wrald sa'n ellende sa'n smerte,
 Mar nimmen dochs mear,
 As in fanke dy d' ear,
 Forret truch de prunksucht , lichtsinnich forlear.

Smel is de wei !
 Mar in Himmelske dei ,
 Bluet eeuich dy eabel en knap bluet , binei.
 Ja faminen ! o fammen ! in suver gewisse ,
 Wy kenne it , wy matte it , end wy wulle it net misse.
 Dat jowt hwet forslit !
 End hwet us untgliet !
 In kroane end in kranse dy oer 't grèf sels bistiet.

End ja , as 't einde mar frede wèse muchte , plicht
 beppe wol to sissen , den mucht de libbenswei wol hwet
 hoblich renne. Mar mei lichtsinnigens en ideltuterye
 in goed ein berikke ! ik wit net of dat wil lukke ken.
(Hia siucht truch it ramt.) O ! lieave sauntsjien hwet ha
 se derre in spil mei dat hokling , mennich älter het net
 near wirk um hir hokling op twa skonken , dat truch
 de weelde bidoarn is , up it droege to halden , as hia
 dèrre. Siuch de frou is luken. Ik sis , end dat ha 'k
 altiid sein ! it scoe de fraech wèse as 't jo man wier ,
 et jo den sa skreppe scoeden. Mar wrichtich , ik mater
 ek henne , de katten scille hier wilst de lever net fen 't
 brea kaepe. *(Hia giet mei amer end poesjet ef koerke ,*
flink nei efteren).

9e T O A N E E L.

SAAPKE. (*De skroar kumt up ,
 kreas end kein lik as in skroar
 heart to wesen. Hia het in kip
 oer it silveren eariisder. Hia
 kumt bidaerd in , end siucht
 nuverich up dat er nen fuls
 in de hüs is.*)

Hwet scille wy nou ha , nen ien kristen siele in de

hûs? Efter ha 'k ek gjin ien sioun. (*Hia rupt*) Frou!... Japke!... Wimk!... (*Tsjin de taskouers.*) Lolke doar ik net ruppe, hwent wrichtich it is ef de wearklank dat wird tusenkear ïn min hert herhellet. (*Hia rupt wer truck de efterdoar*) Boer! Harke!... nou it is fremd, mar 'k ben hier nioed net foar it earst, ik wit my to rødden. (*Hia set hir kip ou end sa siucht se in fèsje oer de stoel hengjen.*) Scoe 'k dit fèsje meitse matte? 't is best moglik. (*Hia bisiucht it.*) It siucht er up de rèch hast út as Paris ïn simmermoane fen 't jier sauntich do d' *internationale* 'r hûs halden hie, in alle flarden. Mar (*Hia hifket it sesje.*) De buse liket Prûsisk, dy weacht net licht. Der sit jild in, end ek fry hwet, it is de boer sin fèsje — nou! den het dy jister net mei de lege buse roan. Lit my um aerderheid is sjen hwet er in sit. (*Hia kriget it jild út 'e buse en telt de riksdaelders.*) Ien, twa, trye, siouer, siif, seis, saun. Stil, hwet is dat yette? in pompier? In muntsje wrichtich fen tsien goune. O! o! wier it miners. 'k Hab trye end tachtich goune foar in gouden eariisder in de sparbank, dèr dit is by! nou! dat wier hwet. Den wie 'k er hast. Siuch, trye en tachtig end tsien is trye end niugentich en tsien is houndert end trye! wrichtich ik kaem in stik hinne. O dy deale! hwet ken in jungfaem in de forsikinge laet wirde. Mar as ik dit jild nou is kaepte, end as se er den um oan 't sikjen gungen, scoe 'k it den ek to krap krye kenne? End — as men den is in kwea each up my slöech, hu wier 't den? Likwols as ik my goed krankil halde, den kraide 'r nea in hoane nei. Dat 's fen sels — hwet scoen s' er fen meitse. Wimkje end Harke koeden 't ek up 'e kop krye. Jap ef de vrou koe 'n 't ek hiete kriige to habben, um er in stilte hwet moais foar to keapjen. De boer koe ek miene dat er it weibrocht hie. Wrichtich, it is ef it my sa mar jown wirt. (*Hia stiet efkes in twa-striid.*) Mar o! Heare! ne — ne — ne — (*Hia trieut it jild wer in t fesjebuse, end stungt:* Wiise: *Soll ich mein Tirol nicht wieder sein.*)

O slik ! sa fulle benyd up ierde ,
 Hearskeresse fen 'e wrald ,
 Ne 'k lit my net thruch dy forliede ,
 In earlik herte is 't der ik my oan hald ,
 Al waerd ik ek thruch dy in de forsiking laet —
 Ef ik foar altiid fen min Lolke skaet ,
 Wei fen my ! Wei fen my !

(*Hia smit it fesje fen hir up 'e stoel del.*)

Ne 'k lit my net thruch dy forliede ,
 Wei fen my ! Wei fen my !
 Ek yette as 'k min sin hier nimmer kry !
 Hwet brengt it jild al leed en smarte ,
 Rou end sielewedom mei .
 Hu bande it jamk ut mennich herte ,
 De Himmelfrede foar helske unrest wei .
 Och dat it menske in eltse libbenslot ,
 In al sin dwaen end libben tochte , God ,
 In earlik hert ! in earlik hert !
 Is min earekroan , min greatste skat .
 In earlik hert ! in earlik hert !
 Oerwint de dead mei al sin eangst end smert .

(*Hia duct har naiskelkje foar , end har skiere up side wilst hia seit*)

O ne ! foar nen jild in de wrald woe ik er up sa'n wiise oan . Lieaver min libbenslang in silveren eariisder up e holle , as up in unriuchtfirdige wiise in gouden . Min holle scoe barne tochte my as ik it up hie . As mat ik ek altiid blieue dy 'k ben , ef mei my nea hwet betters barre . ja as mat ik ek fen Lolke ousjen , ho swier 't my foel — ja , hwet ik ek wenske ! in earlik hert — ja dat ! dat ! mat er mei my in 't gref sinke . Mar stil der kumt fults .

10e T O A N E E L .

SAAPKE. LOLKE.

(*Lolke kumt hird in rennen .*)

LOLKE.

Hearink Saep bist dou hier ollenne ? (*Lolke gi-t mids*

oer de flier up in stoel sitten, end bigjint rimpen sín hoasen út to tsjen.) Help my gau fanke, ik en Geale scille mei in pear ky nei Birgermerke, end der kriget it hokling sa'n sluchte rite dat it by de wál del rek-ket. Mei mannemacht ha wy 't mei luken end hisen wer up 'e dik krige, mar ik hab by dy kream de poat fortard, ik ben klets truch wiet worden um de foeten. Sa wul ik net up reis.

SAEPKE. (*Siket um de hoasen*).

Is 't fults yet ollegeare by dat spil ?

LOLKE.

To gau hiu, hia lisso dér under in dat kastje. Ja — hia brenge Geale hwet up stap, ik mat ek gau wese ef wy kumme to let by 't station. (*Saapke het him de hoasen jown dy Lolke oantsiucht*.) 't Is egenlik divels sa'n up unthald.

SAEPKE.

Fy fy, flok sa mar net in de iere moarn. Dér is ummers altiid in luk by in ungeluk.

LOLKE.

Dér heste gelik oan min bern. Hwent nou kum ik dy hioed ummers ek yet to sjen, end oars hie 't faek net bard, ef bist hier joun yette ?

SAEPKE.

Dat tink ik net, jimme kumme fen sels mei 't leste spoar, as 't joun al wer tús kumste. To Birgum benne ek wol moaye froulin tink ik.

LOLKE.

Saep wer tinkste um, ne hertsje, ik kum joun al wer tús, hwet lanheare kumt joun. Hearink rek it wirk hwet, end sinch datste hiere joun blieuste ! Wy scille joun smoarkoeken ite, den kenst' ek in smoarkoek krye.

SAEPKE.

In smoarkoek ?

LOLKE.

Of wiste wol hwet datst' lieaver heste as in smoarkoek ?

SAEP. (*Siucht Lolke minlik oan, end hy har.*)

Nou !

LOLKE.

Jaen my gau ris ien. (*Saepke leit Lolke de earmen um 'e hals, sa patsje hia.*) Dat ha 'k lieaver as in smoarkoek. (*Hy pattet har yetris.*)

SAEPKE.

O ja ! do lieave dogeneat , ik ek. (*Lolke het de hoassen wer aan en scil sin platte skoen oantsjen.*) Mar mîn stimper hwet ben din skoen wiet. *Hia swingt de skoen yet hwet út.*)LOLKE. (*Ducht de skoen aan onder it sissen fen :*)

Dat is neat hiu , nou 'k dy hier fin is 't my in wiet foet wirdich.

SAEPKE.

Hu treft it sa ?

LOLKE.

Ja , hwent mem naem dy hioed krekt , um dat ik den foart wier , sa eang is s' er fen dat wy by en or kumme.

SAEP.

End nou matte wy doch krekt by in or wese.

LOLKE.

Dat bewiist dat wy by in or heare.

SAEPKE.

Dat wulle wy hoopje

LOLKE. (*Pattet har yetris.*)

Moarn beste!

SAEPKE.

Moarn skat! goe reis! goe reis! (*Lolke ou.*)

11e TOANEEL.

SAEP. (*Allenne.*)

It sprekwird seit: Moandei's spoed is selen goed,
mar moarns foar achten al oan patsjen, dat bigjin is
wrichtich moayernoch um it fol to halden.

12e TOANEEL.

SAAPKE, REMMERT, LYKELTSJE,
JAPKE, WIMKJE, HARKE. (*De
lesté by it inkummen.*)

REMMERT.

It lei my al up 'e lea dat dy merkereis mei dy
junge gjin goed jern spinne scoe.

LYKELTSJE.

Der leit dy ek altiid sa folle up 'e lea! Ik sis: (*Har
each falt up Saepke dy hwet up side gien is*) Hea Saep!
fanke bist dou er al? Moarn Saep.

D'OAREN.

Moarn Saep! moarn Saep! (*Harke bit wer sunder
sitten to gean in de brogge*)

SAEP.

Moarn ollegeare, ja ik hie 'r alles wol ûthelje kennen.
Ik wist net hwet 'k er fen tinke mast.

(*Wimk skinkt wer kofje in, Rem-
mert ducht lik as Harke, Japke
ducht de earappels in 't fetsje,
Lykeltje smart de bak foar
Saepke. Allegearre steande wei.*)

WIMK.

Ho bist er in kumd, dou bist de dik net del kaem ?

SAEPKE.

Ne ik ben by Rudmers oer 't hiem gien, en do de lannen mar oer.

LYKELTSJE.

Hu kaemst' er by fanke ? Alhiel nei Rudmers ?

SAEPKE.

Rudmers Dieuwke kriget snein de gebodens, end...
(Alle de oaren mei forbasinge stilsteande mei hwet se in de hinnen ef in de mule ha.) Dieuw ? Rudmers Dieu ?
 mei hwa scil dy troue ?

SAEPKE.

Hea wit jimme dat net ? Mei Sibe end Hille Eibert !

ALLEGEARE. (*Freselik bearende.*)

Mei Eibert ? Mei dy sluge Eibert ? Hu kumt s' er by. — Ho's 't mogelik ? Och ellendich ! ens. Ik sis...

SAEPKE.

Ja der wirt sein dat hia ek neat gjin bistek in de feint het, mar siuch, sin heite broer is stoarn, end dy het in skromelik bult neilitten, end der er gjin bern benne kumt dat kaptael as de vrou steart oan Sibe end Hil, end den mei Eibert nei 't er sein wirt, for sin head wol siiftich tusen goune barre.

DE OAREN.

To dinder ! nou foroaret it !

REMMERT.

Den mei Dieuw de eagen wol ticht kniipe, der men 't jild sa rammeljen heart, het men nei 't sin net to freachjen. Hwet seist' dou Lykel ?

LYKELTSJE.

As hie 'r gjin holle den mast hia him yet nimme.

Hwet het hiu ? suver neat as in moaye oanlits end flinke lea , mar it der is fen. Ik sis : end dat ha 'k altiid sein....

REMMERT.

Mar Harke , junge , wy matte wrichtich aan 't wirk , wy meye gjin tiid mear forrabbelje. (*Remmert end Harke steane yet beide mei in kupke kofje in de han wer mei hia 't unbyt bislite scille.*) Harke ! kum oan , lit ûs mei in heal kald kup kofje klinke en drinke up it boask fen Eibert end Dieu. Hawar. (*Hia stimpe de kupkes sa foel tsjin en or oan dat dy beide brekke en in griselement oer de flier falle. It hiele selskip barst it út fen loaitsen.*)

LYKELTSJE.

Dy sliuchte manliu , 't is wrichtich ef jimme n't wiis benne. Siuch sa'n gesmjoks is oan. Ik sis...

REMMERT. (*Wiist up de britsen kupkes.*)

Ja — end ik sis : dat dèr siucht men it sinnebield fen it luk fen in pear dat út bilang , end net út lieafde trouwde.

LYKELTSJE.

Hald nou mar up , wy hoeve 'r gjin prekery by , 't is al maldernoch , gean er mar út.

JAPKE.

Ja gean er nou mar út , wy kenne jimme skoan slite.

HARKE.

De boer mast my mar mei Lolke nei Birgermerke gean litten ha.

WIMK.

Ja wrichtich dou mast mei west ha um smoarkoeken . (*Truch en or.*) De BOER , FROU end JAPKE. (*Loaitsende.*)

Ja ! ja ! um smoarkoeken , o headen men scoe jin slop loaitse , ha ! ha ! ha !

HARKE.

Ik fortel jimme nea wer hwet, mar ik sny er ût.
 (Harke on.)

LYKELTSJE. (*Dy bigjint mei 't upredden, wilst Saepke mei it naiskelkje foar, oan hir side sitten giet.*)

Dy moandei-moanen ! dy moandei-moanen, dy ha hwet to keap.

WIMK.

Binaemen as er en hokling by de wâl delrekket.
 REMMERT. (Wimk ou.)

End as er moaye pakjes makke wirde matte.

LYKELTSJE.

Skimp der mar net up, dou hest altiid graech moaye frouliu lye mucht.

REMMERT.

Ja wis wol, end derum hab ik dy er ek ût kipt.

LYKELTSJE.

O dou gekoanstekker, nou er ût ef de tange op 'e hûd.

REMMERT. (In 't ougean.)

Saepke dou maste hioed hounnebaes wese, en goed ta sjen dat de frouliu har tiid net forslampamje.

DE TRYE FROULIU.

Der ût mar, foart mar, wy scil it hier wol redde.
 (Remmert ou.)

13e T O A N E E L.

LYKELTSJE, JAPKE, SAEPKE.

LYKELTSJE.

Nou ! nou ! hwet ken dy manliu in wird dwaen as se los kumme.

JAPKE.

Mem, scil Saepke nou daelk mei min pakje oan 'e gung?

LYKELTSJE.

Ne fanke, dou heste sels heard ho 'n geprampears jimme heit oer sin fesje het, dat mat allerearst makke werde, oars muchten wy it wer forjitte. (*Hia nimt it fesje um it Saepke sjen to litten*). Siuch is oan Saepke, hu raer as dat er ut siucht, dat is by 't koukealjen út smiten end in 't kealehok rekke, is 't net ougrislik?

SAEPKE. (*Nimt it fesje oan.*)

Ja, dat siucht er mal út.

JAPKE. (*Dy it thegoed upret.*)

Mar mem as Saepke min pakje nou foart knipte, den koe 'k er sels skoan in stek oan dwaen, as 't wirk hwet oan kant wier.

SAEPKE.

Frou, fiel je wol dat er jild in 't fesje buske sit?

LYKELTSJE. (*Nimt it fesje wer oan.*)

Wrichtich? lit sjen. Nou dit is yet al hwet! siuch is in moaye steapel riksdaelders, Heare goant, 'k Wul wol lieave dat Remmert er nen sittepit fen wit dat er it het.

JAPKE.

Nou asjbleaft, dat scoe mem hwet oufalle, dér foar is heit to ful up 'e duit.

LYKELTSJE.

Lieave sauntien, siuch der is yette ek in munbiljet by fen tsien goune. Wer earne dat er 't wei het? dat ken 'k my nea bigripe Mar dat Remmert it wit, der lieau ik neat fen. Ik scil jimme foart it biwiis jaen. Joun kumt lanheare álder wenst um de hier, end dat wit de boer *wol*, mar dat ik dy hier al lang by in or

ha dat wit de boer *net*, end nou mient er dat Lolke sa bitiid fen Birgermerke to rech kumme mat, dat er mei 't jild dat de junge der foar de ky bart, lanheare bittelle ken. Ik sis, end dat ha 'k altiid sein, hy is fûl up 'e duit, mar in slossert up it jild. Mar min lieave dochter lit us foartsfarre. (*Hia ducht it jild en 't munt-pompier in in thekuphe, dat se op de skoarstienmantel set.*) Dou de bedden end de foarkeamer, end ik nei de tsjerne. (*Hia siucht ta 't rampt út*) Wimk siuch ik stiet al oan de wasktobbe dat it skum har um de earen stownt. Mar fanke lit er us nou in tiids um tinke datste nei de buren gieste um weitenmoal, gerst end krinten ensa.

SAEPKE.

Scil 't hier hioed sa aan weigean?

LYKELTSJE.

Ja witje? De bern praete den jimmer oer smoarkoecken en smoarkoekebakkerye, end nou kumt lanheare joun, dy hellet alle jieren de hier witje? dat is sa'n alte wenst, der het er den nîget oan. Nou, dy stekt us al tiid de gek oan dat wy den sa'n steapel swiete en wite bollen up tavel ha, lik as wy dat under us boere end borgerstan wend benne, hy ken dèr út to goed sjen seit er dat boeren, borgers en dieren — och hu seit er ek Jap?

JAPKE.

Dat boeren, borgers en bisten de selde foarletters ha.

SAEPKE.

Wol dy sliuchtmis. Dy hearen scille ek wol leste hwet goed smakket. Ite se sa folle bolle net, den litte se hir de fine winen goed smeitse.

LYKELTSJE.

Dat mat je mar lieaue — mar och, lanheare het den mar in grapke, hwent o it is sa'n best man! der tilt de wrald fen up. Mar nou sei ik, nou scille wy it

joun is oars ha. Wy scille lanheare joun tractearje up smoarkoeken. Fen sels earst in pantsje fol kofje, end den in gleske win mei end smoarkoek, mar siuch je? nou wul ik se der mei út strike, de manliu mei it net wite, witje? Ik sis: end dat ha 'k altiid sein, it is sa aerlich as men in menske forrasket.

JAPKE. (*Dy nei dat se de tavel upret het, foar de spegel har hier hwet to riuchte en de wite nachtmutse hwet kreasper set het*).

As ik nei de buren scil, den wul ik er foart lieafst hinne, um dat ik den aenstons lieaver aan de nidle wul.

LYKELTSJE.

Hawar fanke, dat liket my goed ta. Hier hest in riksdælder. Nim de braskoer mei end as 't dy to swier wirt to dragen, lit de bakkers junge den in stor fortsjinje dat er it brengt. Mar nim foaral fen Poimoei mei, in heal poun allerhande, hwent ik sis, end dat ha 'k altiid sein, sunder allerhande ken in fatsoenlike vrou nen kofjedrinkerye ha.

JAPKE.

Och mem jow my de kai efkes fen 't kamenet. 'k wul Saepke doch earst yette min pakje sjen litte.

LYKELTSJE.

Hier is der — Forsichtich hear — (*Japke ougeande*) aan de lochter side, up de regenkleden der leit it.

14e TOANEEL.

LYKELTSJE, SAEPKE.

LYKELTSJE. (*In 't upredden wei*).

Fy dat wier in spil nys mei Lolke, hia scoeden mei twa ky nei Birgermerke, end do wier it hokling sa derthen dat it Geale untslûpte, end sa rekket 't in 'e sleat. It spande um it er wer út to kryen. Lolke rekke yet

mei beide foeten in 't wetter. Dy mast yette wer um,
um droege hoasen aan to dwaen. Du wieren jou hier
likwols yet net, wol ?

SAEPKE.

Ja frou , do wier ik hier krekt.

LYKELTSJE. (*Oan side*).

Is 't nou net dealis ! hu treft it sa ? (*Tjin Saepke*).
So , ei , doch , wieren jo hier do krekt. Sei er ek hwet ?
Hwet sei er ?

SAEPKE.

Dat er droege hoasen ha mast , sei er.

LYKELTSJE.

Ja wit je ? hy tinkt er lieau ik sa oer , dat as er to
Birgum sa moai goed oan in slaech kumme ken , den
siket hy er in faem , wit je ? End den blieut er der
fen nacht to merkjen. En den hieltid mei fiete foeten —
siuch dat mast jin grisse oars net ? Ik hoopje dat er
den mar goed oan lannet , hwent o ! der is oeral sa 'n
klettergoud. End sa 'n dorp as Birgum scil 't ek wol
great spil wese , den luke folle faek it seil heger as de
mest ! end in jungfeint trout — sis ik , end dat ha 'k
altiid sein , mei in moaye buse , mar nen jild er in. Ik
hoopje net dat dit Lolke sin lot wirt.

SAEPKE.

Der scoe men 't beste fen hoopje.

LYKELTSJE.

Ja hwent siuch , wy koeden Lolke wol knap in 't for
set helpe , mar — den halde it up. Wy kenne ûs sels
dochs net ûtskile , foar dat wy up bed geane , ne , ek
sis : end dat ha 'k altiid sein , as 't fen ien siide kum-
me mat , o man ! dat liket my binaud ta.

15e TOANEEL.

DE FOARIGEN. JAPKE. (*De leste mei in
lape goed oer de earm, dy hia
Saepke up 'e skirte smit.*)

JAPKE.

Saepke! der hest nou de grap, sei pastoarske, end domeny scoe minist wirde, hwet seist er nou fen.

SAEPKE. (*Besiucht end befielt it
goed.*)

Moai! o sa moai, dat rankje dat makket it sa biel-drich, end der sit ek ligchem in, it rent oan de fiter, dat fiel ik wol.

LYKELTSJE. (*Saepke sittende end
d' oare steande mei de lape
tusken har.*)

Ja — dat ha je goed, it is ek net goedkeap, mar hwet dûrder ef goedkeaper sis ek, end dat ha 'k al-tiid sein — it meitsen is 't selde. End derby Saepke! Japke kumt sa fier hinne dy mat mei dwaen kenne. Hia is yet jung, mar hia bigjint ek al um de fryers to tinken, end den woe 'k sisse, end dat...

JAPKE.

Mem wul sise: neat wèse end neat likje dat is alle-geare neat.

LYKELTSJE

Och dat wit ik nou just net, mar och fader in gjin ein hwet scille wy nou ha?

LESTE TOANEEL FEN 'T FOARSTE BIDRIEU.

DE FOARIGEN mei MOSES, end letter WIMKJE.

(*Moses kumt ta de foardoar in. Hy is
in knap klaide joad. In broek, rutich of mei
in streek alhiel nei de mode. In wite oer-
jas, steande boardtsjes end greate strik.
Swarte baerd end knevel end in hoed nei
de smaek. Hy het in greate lape bukkings
oer de earm.*)

MOSES.

Gjoejen morge jifvrouw! Gjoejen morrege dames!
 Hoe ghaat et jelui alle te samen by malkaar? Moai
 weer van daag he? Moedertjen kan ik je voor een
 preisjen ook een lap broekenstof kwiteeren? Goed-
 khoop, waarhachtig goed khoop.

LYKELTSJE.

Ei kremis kerel dou kumste fierst' to ier.

MOSES.

Dat zhal ik je zheggen jifvrouw. Ik bereis halleen
 de ghroote dorrepe. Maar weet u? op mein doorreize
 sprak ik teuge mein selven: Nha het is je laaste lap,
 laat die erreis bei deuse lantliede bleive, dan ben j'
 er af, en je bihoeft niet mear to sjouwe. Waarhachtig
 jifvrouw, je kunt een khoopje doen, van je leve zoo niet.

LYKELTSJE.

En hwet koopke ken ik den dwaen?

MOSES.

Wat koopie as je dan kenne dwaen? Je lui hoort,
 hals ben ik een h' Amsterdammer, ik spreek ook al
 fries. Dit koopie ken je dwaen. Kijk eens, deuse lap
 goed! (*De frouliu befiele en bisiugge de lape*). Ja bekijk
 hem maar eens ter deuge. Deuse lap goed dames is
 oit een franse manufacturen fabriek, verstaan je?
 Die hin den hoorloch door de duitsers is plat komen
 geschoten te worde, en toen gehannexeerd, verstaenje?
 Niet gestolen; maar gehannexeerd. De duitsers hannex-
 eerden nog wel veul grootere lappen als deuse.

LYKELTSJE

Nou hwet scoe dat den?

MOSES.

Wat dat dan scoe? Wel — je zult immers wel ko-
 men staan liggen te begreipe, dat — wat je hannexeere

dat kost je nik's, en wat je nik's kost, dat kan je immers goedkoop geven. By voorbeeld: ik annexeer (*tsjin Japke*) van deuse jonge dochter een soentjen. (*Hy wul har patsje, hwet hia sen sels loaitende untwikt, hy tutet in 't wild det men 't heard.*) Sien je? dat kost me nik's, en nu gheef ik et haar (*tjin Saepke, dy lud baltsjende oerein flucht um de joad to untwikjen*) weerom, en het kost men hook nik's. Nha!

De froulin loaitse danich.

LYKELTSJE.

O! o! dou bist lieau ik in raere skarlùn, en echte mallen ien.

JAP.

Wy halde net fen jode tutjes.

MOSES.

Dan hou je licht meer van jeude koekjes. Nha — 't heeft wat te zeggen, maar weet u jufvrouw, daar mot er soms een klein grappie bei.

LYKELTSJE.

Mar hwet wotte nou egenlik sisse? hwent siuch der mat in ein aan de sang. (*Japke tikket aan de glèsen en winkt Wimk. Wimk kumt in mei de mouen upstrüp en in stik linnengoed út de tobbe in de han. Men ken aan alles sjen dat hia aan 't waskjen is.*)

MOSES. (*Wilst Wimkje upkumt.*)

Dat zal ik je komen staan liggen te zhellen. Ik ben hier bei jelui inkomen staan te loope — om je deuse kosteleike lap bukkings te verkoopen. (*Tsjin Wimk, dy um Moses goed to sjen nionken him stiet, en up hwa sin each falt.*) Kom j' er hook bei lieve Lysjen? Wel wel, wat een vrouenschaar. Als ik gheen Moses heete,

dan zou ik waarachtig zeggen : ik ben Salomon. Maar zien je jonge meid ? ik kom om deuse mooije lap broekstof zeer goedkoop aan deuse jufvrouw te verkoopen. Ik khan dat doen , omdat de lap gehannexeerd is , verstaan je ?

WIMK.

Dat het er wol oan , hwet is dat gehankeseerd ?

MOSES.

Dat zal ik je komen staan liggen te verklaren. Kom er eens hier. (*Hy lukt Wimkje mear up de foargroun.*) Heb je ook een vrijer ?

WIMK.

Ja wis wol.

MOSES.

Nha ! dan kom ikke en ik zheg teugen jou vrijer . ik annexeer je meisje , dan kan hij er niks teugen doen.

WIMKJE.

Nou , asjeblieft , den sei ik : ik wol net by jou wese.

MOSES.

Jaaa! dat roepen ze hin den Elsas en Lotharingen ook wel ! tegen Pruisen ! Neerland sal 't met er tyd wellicht ook roepen ! maar dat baat dan niet. De mannen die macht hebben te annexeren nemen er het recht bei , en daar het recht is daar is de wet , en de wet is altijd zoo als men 't recht vindt , en 't recht is altoos zoo als de sterkste het verkiest. Verstaan je ?

LYKELTSJE.

Dat scoe dan divels wèse , ik scoe er my tsjin forsette sa folle as ik koe.

MOSES.

Jaaa ! zoo dacht de minister Thorbecke er ook over , in 't jaar zeuventich , toen Wilhelm van Pruisen om het keizer-

schap oitging , en het koste Neerland tien tonnetjes , Nha ,
Maar ach wat zal 't bate , als we geannexeerd worde ,
dan worde we geannexeerd.

WIMK.

Wit je hwet frou , pak ta ! (*Hia untskört Moses de lape goed foar dat disse 'r um tinkl*) den hankesearje wy disse lape goed mar.

DE FROULIU.

Ja ! ja ! dy is moai ! dat is hankerseard — moai !

MOSES.

Neen , lieve mense , dat gaat niet , want zien je ? ik ben hier de sterke teugen over de swakke , en de sterke annexeert altijd de swakke . Ik kan jelui wel annexere , maar jelui kunt mij niet annexere . Verstaan je ?

SAAPKE.

Och hearink keapman , jou wieren ūs ek gjin hanke-searen wirdich.

JAPKE.

Of woe 'n j' er de lape up ta jaen.

WIMK.

End jins hiele famielje 'r by . Mar wy scille nou is sjen . Wy hangeseare de lape . Ruk nou mar stil út .

MOSES.

En ik zeg : ikke protesteer , bei men leven ! (*Hy scil de lape gripe mar dat mislearet*.)

JAPKE.

Ne àlde , je benne 'm nou kwit .

MOSES.

En ik zeg : ik protesteer ! (*Moses flucht nou mei mear geweld up 'e lape oan , mar de fiouer frouliu stappe gear , end sa untstiet er in wraxelparty under it sissen sen :*) To divel ! Ik zweer het jelui ! Hier Wimk , to nou —

hald faesje ! Mein heigendom ! Nooit ! To Saep , ik sis :
Heb ik het bei men leven ! ens.

(Moses rekket eindeliks to fallen en wol
midden up it toaneel , end sa as er der plat
up 'e groun sit , gript Wimk it kessensloop
of hwet stik goed as se ut de tobbe wei ,
mei in de hus naem het.)

WIMK.

Ik wit hwet er mat , hy mat is hwet um sîn ruge
mule waske wirde , den ken der earne oars de patsjes
better hangesejarje ! (Under dit sissen wasket hia Moses
um it gesicht , mar der hy de hinnen towar slacht um it
to beletten , skint Wimk him in 't each to reitsen , alteas
Moses springt oer ein , en ropt , wilst er mei de hinnen
foar eagen henne en wer rent , up earmhertige wiise :

O wai ! o wai ! o wai ! Men oog ! men oog ! men oog !
water ! water ! water !

LYKELTSJE.

Hwet miskearet de man sa rimpen.

WIMK.

Ei neat oars , of der ken him hwet Polka in 't each
kaem wese. Hwet scoe 't ?

JAPKE. (Jout him in kupke mei
wetter oer).

Hier ha je wetter.

MOSES. (Is alhiel forbuke by 'e ta-
sel up in stoel del fallen end
wrieut mei sîn búndoek it each
út , dat er , nou Japke him it
wetter jout , yet ris herhellet.

Waerachtig vrou ! dat was er mijnen een phijnlijke ope-
ratie. Ik heb het van mein leven zoo niet gehad. Maar
waarachtig koop nu toch die lap. Ik ben dood af ! —

Nha! — glad oit het centrum, geruïneerd als een land door de internationale beheerscht. Och koop die lap nou.

LYKELTSJE.

Nouste in 't leach sitste nou preatste net fen hanke-searjen. O! o! derùt ken men sjen, sis ik, en dat ha 'k altiid sein, dat de riuchtsierdichheid ienkear altiid baes wirt. Dat kenne unriuchsirdige keisers en keuningen yet wol is wìs wirde. Mar dat is dat, hwet wotte den foar dy lape ha? Mar haerink, der kumt my hwet in 't sin. Wy lèse tsjinwirdich den sa ougriselike faek fen allerde hande lotteryen in de krante. Den is 't in Hamburg en den to earne oars, hawar ik sei lest tsjin Jap der matte wy is ìn, hwa wit wer jin avontur sit. Is dat earlik spil keapman?

MOSES.

Als j' er in speelt? ja, dan raak je to minsten van jou kant je gelt op een eerlijke manier — kwijt.

JAPKE.

Ja, mar 't is mem um winnen to dwaen, net wier mem?

LYKELTSJE.

Da's fen sels. Ik woe wol is wite keapman, of keapman ek wiste wer earne hier to lanne mensken wennen dy út dy lotteryen heage priisen helle hieden.

MOSES.

Die wonen in de couranten jufvrouw. Daar zal je se komen staan liggen te vinden, maar anders mot je maar met het liedeken denken: (*Moses siungt.*)

»Vindt gjij ze hier op aarde niet?“

Maar wil je in de loterij? Nha kom hier. (*Moses hellet de brievetas foar it liocht.*) Neem dan een lot in de goede eerlijke ruïneerende haagsche loterij. Houdt zij velen kaal als een anderhalfdaagsche spreeuw, als

't fortuin je mee is , kan je doch door haar met goei Neêrlands geld vliegen , daar je anders had moeten kruipen. Nha , wil je dat briefje ? dat is een tiende , en het komt van daag nog uit , mar sien je ! ik heb er nog meer , ik kan 't missen.

LYKELTSJE. (*Nimt it briefke aan.*)

Siuch dou is Jap , dou hest junger eagen as ik , is dat briefke suver.

JAPKE.

Siuch Saap en Wimk. Ik scoe sisze fen al.

SAAPKE.

Ja — dat briefke is goed

WIMK.

Ja siuch — der stiet ummers it jiertal. Ik scoe ek sisze dat it wol echt is.

MOSES.

Waarachtig is het hecht , en als het niet hecht is — dan mag je me hangen. Nha !

WIMK.

Dy uphingje ? dat jowt ûs fierst to folle wirk.

LYKELTSJE.

Nou hawar , ik wul it wol ha. Hwet wotte nou ha foar de lape en dit briefke ? as 't it goed útstelste, den hald ik beide.

MOSES.

Dat priefje en die lap... nha!... die zal ik je... laat staan... komen... liggen... te geven... teugen feartich gilde. Nha , als dat niet goedkoop is , mag je mijn een bloedzuiger noemen.

DE FROULIU (*loaitsende.*)

In bloedsuger ! hwa het it fen sîn libben ?

SAAP.

Nou den scil de keapman wol in bloedsuger neamd
wirde kenne vrou. (*Hia befielt de lape yet is.*) Wer
rekkenste dit goed up, by d' alde jelne rekkenje ?

MOSES.

Als je dat goed by Sinkel onder de acht gilde koopt,
nha — den geef ik er mein baerd op.

JAP.

Dy koe 'n je 'r sieaft aan weachje, der scoe nimmen
begearich nei wese.

D' OAREN.

Dat sisse wy mei , Jap.

LYKELTSJE.

Hawar ! kort en bondich. Ik wul dy siifentweintig
goune jaen, (*tsjyn Saepke*) den wul ik jimme heite sparpot
der is aan weachje.

MOSES.

O wai mir ! vijfentwintig gilde ? 'k Zou het waar-
achtig foar mein konscientie niet kunnen verantwoorden.
Dertig gilden, zie daar , dat zal ik doen , maar ik kan
het lang niet doen. 't Is om van de lap af te komen.

LYKELTSJE.

Wiste hwet ? yet ien riksdaelder er by , en nou gjin
sint mear. Japke jaen my 't kupke mei jild efkes dat
der up de skoarstienmantel stiet. (*Hia telt it jild up
tafel.*) Hawar der leit it, saunentweintich goune en
siiftich sinten. Nimst' it oan , ef duchst it net ?

MOSES.

Ik kan het eigenlijk niet doen , maar ik moet het doen ,
en ik zal het doen. (*Hy nimt it jild up.*) Segen met
et een en ander vrou. Veul segen.

LYKELTSJE.

Ja witje? It is in sparpot, der wy up in ungefoelige wiise oankaem benne, oars hie 't sa hird net flein. Nou weachje wy dat is. Mar meitsje nou mar datst' er ût kumste, oars muchten de fammen din jildpung yet is snappe.

WIMKJE.

Ankerseare wul de frou sisse.

JAPKE.

Ja, mei din ankersearjen.

SAEP.

Mei din ankersaesje.

MOSES. (*Makket mei hoed en stok
in de han in buging foar de
frouliu.*)

Jaaa! jelui bent nu overmoedich! maar denk er eens om als je de swakke partij uitmaakt, den zal je 't nog wel eens undersinden hwet et zegt geannexeerd te zijn. Is 't van taag niet — dan welligt morrege. Eerst annexeert je welligt een man, dan huiselijk verdriet en huiselijke sorrege, en als eindelijk bleeke Hein komt met zen seis! die annexeert jelui en mij en ons allen zoo waarachtig, vast en zeker als ik Moses Nathaniel heet. Nha zal ik gezond zijn. Nu dames Adio! Adio! 'k Wensch u allen et heil Abrahams! tot aan die laatste annexaesje. Nha! (*Hy búcht diep.*)

It gordín falt.

Einde fen 't foarste bidrieuw.

Oarde Bidrieu.

It toaneel is de prunkkeamer sen Remmert end Lykeltsje. Up 'e tafel stiet moai thegoed , kluntsjepoat ens.

1e TOANEEL.

REMMERT end LYKELTSJE.

Remmert stiet in 't underbaitsje foar de spegel um 'e doek um to dwaen. It wul net passee. Lykeltsje lukt it jak oan , end is dus ek oan 't forklayen.

REMMERT.

Lykel! it wul my net slachje fanke ; ik ken der mannen platte knoop in krye as barst it. As von Bismark net better bine koe , den sieten sin oerwoane franske lannen nette botte lang aan 't Dutske rik fest.

LYKELTSJE.

Der ha we 't al wer , jimme manliu miene den sims de wijsheid in pacht to habben , mar ik sis , end ha 'k altiid sein ! it scoe 'r raer truchfleane as wy frouliu 'rnen knoop up layen. Wacht , as ik it jak fest ha , scil ik dy helpe. (*Hia helpt him*).

REMMERT.

Nou der foar benne de frouliu ummers ek bakt.

LYKELTSJE.

Bakt seit er , ik miende dat se skept wieren.

REMMERT.

Skept , ja lik as de fisken in de totebel , mar de measten benne thruch de mesken flein , dy halde hir in 't rumme sop end ken men unmoglik neikumme .

LYKELTSJE.

Hest dy foar my orneare ? Dy de skoech past , seit it sprekwird , mat him ummers oantsjen.

REMMERT.

Ei fanke wer tinkst' um ? Dou hest dy ummers lieaf fange littin. Dou bist in bret foarntsje up 'e skutel , alle dagen like swiet. Men scoe 'r sa inbite. (*Hy pattet har*).

LYKELTSJE.

O dou alde tutersbaes. Dou makkest' mennich feint yet biskamme (*Hia pattet him wer*). Si — sa, nou sit dy de doek sa kreas as in domeny's bef. Sa plat as mennich feintepung in 'e nei winter. Mei al din unbihelperigens blieust' yet min lieave Remmert. (*Hia ait de man um 't kin.*)

2e TOANEEL.

DE FOARIGEN. JAPKE.

(*Japke is al moai in de prunk. Hia kumt in mei in pear presentear-trumpkes , dy se up tafel set , wilst hia seit :*)

JAPKE.

Mem it kofjewetter siet , scil mem sels kofje sette ?

LYKELTSJE.

Ja liea.

REMMERT. (*Sikjende*).

Ik sikje alles ou um min fesje , ha jimme dat hier net brocht ? Wer is 't nou , ef is 't nou yet net makke ?

LYKELTSJE.

Ja min stumper , din fesje is al makke. (*Hia rupt truch de doar nei efteren : Saapke ! Saapke !* breng de boer sin fesje efkes.

REMMERT.

Den is er hioed dochs hwet goeds dien.

JAPKE.

Den scille wy as Saap wer kumt neat as goed dwaen,

den scille wy heit in moaye nye broek meitse , hear !
(Hia ait heit minlik um t kin end wipt flink ou.)

3e T O A N E E L.

DE FOARIGEN (*sunder Jap*) mei SAAPKE.

REMMERT.

Dat fanke wit den presies hu 't se mat. Dy is de
 deale to slim. Linich end biheind ! Hia liket up nen
 ien fen us beiden , ik ben sa 'n houten Teunis , en dou
 sa 'n stiif hansfodske.

SAAPKE. (*Mei de boer!sin fesje in 'e han. Hia blyeut forheard stean , um dat it har sa knap end moai to miete blinkt end seit wilst*);

Asjeblieft boer. O frou ! frou ! hwet ha jou it hier
 in order , 'k ben hier in gjin wiken in west.

LYKELTSJE.

Ja fanke , ik sis , end dat ha 'k altiid sem , lik as in
 borgermaster by 't bisiik fen de commissaris des konings , graech het , dat er sioun wirde ken , dat it spil
 net forfalt , sa giet it us as de lanheare kumt. De boel
 mat himmel end knap wese.

SAAPKE.

Nou it hoeft net oars , ik wit net hu de frou it sa
 kriget.

LYKELTSJE.

Um it moai to kryen is neat hiu , mar um it moai
 to halden , dat seit hwet.

REMMERT. (*Siket in 'e fesjebusen , keart se um end siket yetris*).

Saapke , der siet jild in min fesjebuse.

SAAPKE.

Do ik it makke net , boer.

REMMERT. (*Tsjin Lykeltsje*).

Hest dou it er den ut krige Lykel ?

LYKELTSJE. (*Hird ougeande*).

Kum , nou mat ik mar gau de kofje sette.

REMMERT.

Sis Lykeltsje , hest dou it jild ût min fesje buse ?

LYKELTSJE. (*Fen efteren, brimstich*).

Ne.

4e TOANEEL.

REMMERT. SAEP.

REMMERT.

Ne ! rupt se. Hwet bistjut dat nou um nou krekt foart to gean. Wiste Saep ? ik barde jister saunendlweintich goune end siiftich sinten fen Abele Slachter , end dat ha 'k in it fesjebuske dien , dat wit ik klear , ik tochte sa yet , het Lykeltsje net noch as lanheare kumt , den helpt dit altiid hwet.

SAAPKE. (*Wilst Remmert it fesje oantsjucht*).

Den scil de frou 't 'r moglik wol útkrige end upbirgen ha.

REMMERT.

Mar werum dat den net goedmoeds to sissen , den wist men 't. Mar dat rupt mar up in hounestige wiise : nidich fen efteren ou : Ne ! Dat is nen anderd. (*Bare minlik*). Sa scoe Saapke net dwaen , oars net ?

SAAPKE.

Ei der wit ik neat fen boer.

REMMERT.

Der wit ik neat fen , seit se. End hwet seit se dat ingeleftich. O Saep , Saep ! dou bist' sa 'n lieaf fanke. Ik ken best bigripe dat Lolke sin oan dy het. Hie de soan it net , den krige de faer it yette. Blieust' hier jou ek net ? wy scille smoarkoeken ite.

SAEPKE.

Wist de boer dat den al ?

REMMERT.

Ja wol hiu ! As Wimk it my net forbean hie um it
to witen, bigriptste ? Meiste graech smoarkoeken Saep ?

SAEPKE.

Ja wol graech boer.

REMMERT.

Mar der is yet wol hwet dat ik lieaver ha. O kremis
lieave skroar ! jaen my yet ien — ien — patsje. *Hy*
fliucht Saep aan dy him uutwikt, sa wraxelje se hinne
en wer oer de fier, under it sissen fen) : Saepke !
Boer ! boer ! hald up boer ! Ben je sliucht boer ? Ik
ben forlegen. Asje net uphâlde rup ik , Boer ! Remmert.
To ien ien , hwet scoe dat nou , och Saep. Hu kenst'
nou sa. ens.

5e TOANEEL.

Lykeltsje kumt up mei de kofjekanne up
de tryehoek ín 'e hannen. De boer lit
Saepke gau los.

LYKELTSJE. (*Alhiel forslein , end*
bare forheard).

O lieave fader in gjin ein ! hwet kumt my nou oer ?
O skandalich in gjin ein , hwet kumt my oer ? (*Hia set*
de kofje up tafel). Do skandael , fliuchtste de fammen
mar oan , under eagen fen din egen wiif ?

REMMERT.

Dat tanket dy de wearlach. As 't dou it jild út min
fesjebuse net heste , den het hia 't , en dat wul ik
wite, end dat is min plicht ek , as man end heit tsjinje

ik foar miners to sorgjen. Ik wul har understanden, end út mat 's er net, foar dat wy har undersocht ha. End dèrum hie 'k se by de flarden.

LYKELTSJE.

Wier 't dèr um to dwaen? Ik tochte dat it fryerye wier; end den sei ik, end dat ha 'k altiid sein, it wier in skandael.

SÆPKE.

O frou! ik hab nou dochs al amper oan fliouer jier skroar west, mar sa'n kroane is my yet nea op 'e holle set.

LYKELTSJE. (*Tjin Remmert.*)

Nou 't is sunde end skande, It bern het hier aljieren forkeard, dat wist allike goed as ik, en nea ha'k fen har unearlikens si sa fulle bispeurd. (*Hia strikt mei de hinnen oer end or.*) Ne bern, (*hia nimt Saepke meilyend by de han*) dit griist my nou suver um dy, mar steur dy net oan sa'n archtinkendheid, end ik scil dy 't fortriet dat hy dy oanducht, sa gau as ik legendheid ha truch in geskenk sjen to forgoedsjen. It is wrichtich to slim Remmert. Is sis: end dat...

REMMERT (*falt har in 't wird.* *Bisonder foarheard.*)

Ha 'k it nou fen min libben sa sioen? Der siet lits tritich goune in min fesjebus.

LYKELTSJE.

Hou — dat hält earder up, sis lieaver fen great siifentweintich, dat kumt er neyer oan.

REMMERT.

No — dat 's ek allike folle, mar 't jild mist er út. Dou hest it net, seiste, end fordild dy men er mei fortinke ken end mat, dy mei men der net up oansjen. Hwet deale mat ik den?

LYKELTSJE.

Dy klaye sa hird as 't ken. De lanheare ken wrichtich hast wol kumme. Hea Saapke, nou jou hier doch benne, help jou my nou efkes um de mutse up to setten.

SAEPKE.

Kum vrou, mei alle lieafde. (*Wilst de frouliu der mei skreppe, end Lykeltsje mei 'e rech nei Remmert stiet, glimloaitse Remmert end Saepenor aan en meitse se in beweging dy sisse wol: wy begripenenor, swyen is de boadskip.*)

REMMERT. (*Him klayende.*)

Mar wrichtich Lykel, dat jild mat er wer kumme, end foaral nou yette, ik wit net of ik foar de lanheare birekkene ben, joun.

LYKELTSJE.

Der scoeste my mar stil mei oan piele litte, ik sis, end dat ha 'k altiid sein, ik ben 't wol bitroud.

SAEPKE.

Wul vrou de mutse moi heach up 'e foarholle ha?

LYKELTSJE.

O ja, foaral. (*Mei binyinge.*) Hea, ha jimme der wol is um tocht?

REMMERT end SAAPKE. (*Mei oandacht.*)

Wer um?

LYKELTSJE.

Derum, dat ho alder in friesinne wirt, ho mear hia de flodder up 'e noas sakje lit.

REMMERT.

Dat kumt fest fen idelheid en wraldsin, hia wul fest net wite dat de tiid har sukke diepe ploaien in de foarholle ploeit.

LYKELTSJE. (*Wilst Saapke har wer help.*)

Fen 't folle hertsear end 't fortriet dat se ha.

REMMERT.

Um dat se nea to freden benne.

LYKELTSJE.

Um dat er sorge wirt dat se der reden ta ha.

REMMERT. (*Yet in de fesjebusen fielende.*)

Wer deale dat min jild doch is? Wer is Wimk?

LYKELTSJE.

In 't fel, as se net strupt is.

REMMERT.

End wer is den dat fel?

LYKELTSJE.

Sist dy den nou ek yette up 'e lea? It scil er net in stean. Dou scoest' de fammen it libben sed meitse mei din kweatinken. 't Is ef de dief dy oan 'e noas hinget. Saepke 't sloof het er al noch fen. Wes mar gerust, sa lang as ik er ben, wirt din jild hier in 'e hüs net wei. Is sis, en dat ha 'k altiid sein, up 'e wrald wirt neat wei.

5e TOANEEL.

DE FOARIGEN, JAPKE. (*Japke kumt foar-heard in rennen.*)

O hearink! gau! gau! de lanheare kumt de dik del.

LYKELTSJE.

O deale! help Saep! Kry dy doek er wei. Jap lis dy matte riucht. Jimme heite toffels er ut. (*Wilst Lykeltje dit seit, en de stoelen um 'e tafel to riuchte set,*)

*end de frouliu alle trye skreppen um de leste han oan 't
ien en 't oar to dwaen, siucht men Remmert up end
um de skoarstienmantel um hwet sikjen.) Hearink wer
sikje jou nou yette sa um Remmert?*

REMMERT.

Ik hab hier jister moarn al in piip foar de lanheare
klear set, end dy ken 'k nearne fine.

SAPKE.

Dy piip mei in dop er up? Dy is hioed in 't kea-
merredden britsen.

REMMERT. (*Brimstich end mei de
foet up de groun stampende*).

't Is den ek wol divels. It wier de ienigste skiene
lange piip dy wy oan hus ha.

LYKELTSJE.

O lieave tretsien in gjin ein, dèr 'k sa 'n wird um
sis, der kumme wy wer oan. Ik sis, end dat ha 'k altiid
sein, it is ef it hier altiid dwars end forkeard mat.
Mar lanheare mat in piip ha. Och hea Saepke, wot
dou ûs net efkes helpe? duch it liea. Helje dou ûs
yet foar in dubeltsje lange piipen fen de burren.

SAEPKE.

Dat is gans getoffel in 'e joun vrou. 't Is amper in
ketier geans, mar hawar; jimme matte net forlegen
wêse, ik scil 't dwaen. Wer mat se wei kumme, fen
Hakenstalle ef fen Kopstra?

LYKELTSJE.

Allike folle fanke. Sis mar dat it foar ûs is. Ef sjit
it dubeltsje mar efkes út. Ik scil 't goed mei dy meitse.

SAEPKE. (*Foartgeande*).

Ja dat is best vrou.

6e TOANEEL.

DE FOARIGEN. (*Sunder Saepke*).

REMMERT.

Fy men scoe jin skamje , nen lange piipen.

LYKELTSJE.

Krimmenearje der nou mar net oer , ik sis , end
dat ha 'k altiid sein , in sukke libbens-umstandigheden,
ducht men wiis um mar krekt to sissen sa 't is.

REMMERT.

Die men dat altiid mar. Hu matte wy sitte ?

JAPKE.

Mem en ik hieden sa tocht : mem hiere , end der
de lanheare , end den heit end ik hiere. As Lolke den
thûs kumt , den koe dy hiere efter oan 't ein fen de tafel.

REMMERT.

Ja — mar lanheare wol de boden er sa 'n joun ek
by ha.

LYKELTSJE.

Nou ja , dy kenne hiere den ek wol nionken Lolke.

REMMERT.

Moai sa , in order. Mar as lanheare nou is fen up-
slaen bigjint. Upslaen , upslaen , dat leit de lanhearen
tsjinwîrdich foaroan in 'e mule , hu scil 't den ?

LYKELTSJE.

Wel nou , den bigjinne wy fen ouslaen , en ik sis ,
end dat ha 'k altiid sein , den scil 't wol blieue sa 't
is. Siuch der is er al. (*Hia geane alle trye by de kea-
mersdoar stean. Remmert efterst , den Lykeltsje , den
Japke.*)

7e T O A N E E L.

DE FOARIGEN. LANHEARE.

(*Lanheare is in stevige knappe feint fen
in fierlich jier ald, mei in moaye knerel
end bird. Up 'e holle het er al in lits
keal plaske. Hy is wol knap klaid, mar
as in deftich hearskip, net pronkrich. Al-
les sit maklick en los.*)

LANHEARE. (*Inkummende mei in
buging, wilst er de hoed ou nimt,
lik as Remmert de pet.*)

Ah! Remmert Fetstra, end Lykeltsje Buterwai, mei
jimme tseppe dochter Saepke, hu giet it jimme? (*Hy
jout se alle trye de han. Hia skudsje dy gol en hertlik.*)

ANDERT FEN ALLE TRYE.

Best lanheare, tankje allerbest lanheare. Lanheare ek?

LANHEARE

Junge ja, yet sa klear as mennich tsjerke ef keamer
preek, net in 't leech ef jichtich en gammel as in ont-
troande keiser! end net biswierd mei de nachtmerrie as
mennich oerwinnend fieldhear end forst. Mar fry end
bly, soun end roun! end sa mei 't wese, oars net?
(*Japke nimit sin hoed en stok, dy se út de keamer wei
after upberget.*)

REMMERT end LYKELTSJE.

O ja, lanheare dat ginne wy jou.

LYKELTSJE.

Nou lanheare, nou mast lanheare hiere mar sitte,
thocht ús. Lanheare skammet hiin hoopje 'k net um in
joun niunken in ald wiif to sitten.

LANHEARE. (*Sitten geande*)

Ald wiif seit se, end as 'k je sa oansiuch! wel den
scoe 'k hast tinke dat de jieren stil steane. Jou blieue
yet altiid mar like jeuchdich.

LYKELTSJE. (*Lík as lanheare end
Remmert nou ek sitten geande.
Loaitsende.*)

O ! lanheare fy , jou matte uphalde. Remmert neamt my sims al beppe.

LANHEARE.

Nou it is mar wier , jimme siugge 'r alle beide út as roasen. Sa knap end sa fris , it is ef de jieren hier stil steane. (*Japke giet nou ek by de tafel sitten end bigjint to haekjen.*)

REMMERT.

Ja , mar dat leart de jildpunge in boer al oars , in jier is sa gau um , it is al sa gau wer aan de hier ta. Mar wít in boer it oan de pung , de lanheare fest wol aan de brankast. Wirt de pung by de boeren eltse jier slanker , de brankast by de lanhearen wirt folder.

LANHEARE. (*Hertlik loaitsende.*)

Der sorchje de wettemakers in den Haech end de setters fen de headlike umslach ñ ús gea al foar , dat de brankast net ñ de kier hoeft to stean ef barst fen wege de folligheid.

LYKELTSJE.

Nou lanheare het it oan hioed to dei ek foar nimmen wei to lissen. As men troud is lík as wy , end men het den twa bern lík as wy , den wirt it ding oars. Ik sis , end dat ha 'k altiid sein , wy wieren , by al dy noed end sorch dy men het , al nedich end bit oer to halden , scille wy us stimpers fen bern as 't sa fier is kaem dat se trouden , hwet mei jaen.

REMMERT.

Ja — ef as men de holle is del leit , hwet neilitte.

LANHEARE.

Nou , der scil yet wol in sparpotsje wese.

REMMERT. (*Grappich bearende.*)

In sparpotsje! Och m'n lieave man, as 't brypotsje
deis mar fol up tafel kumt, den is 't al goed.

LANHEARE. (*Loaitsende.*)

Ha! ha! ha! Dat siucht men wol oars as Remmert
mei vrou end bern freeds to Liowert is, ef oars hiere
ef derre henne foar plesier! to deale den is 't ef 't
fen siide glinstert.

LYKELTSJE.

Ja lanheare, mar ik sis it jou, dat er ek hwet foar
oubealige wirt. En ik sis sa, end dat ha 'k altiid sein,
dy 't spil eptich in or er halde wol, mat wite dat twa
healen ien hielen útmeitse ken. End siuch — as 't er
den mei alle flit end oerlids by fulle nood end sorch
net ou ken, dat men knap end himmel foar 't liocht
kumt, den mei men de leppel wol dellisse.

LANHEARE.

Blieuwe jimme boden wer?

REMMERT.

Ja lanheare dy benne wer blieun, mar fen sels, it
wier al wer: mear mear. De boden benne freselike
diur tsjinwirdich.

LANHEARE.

Ja — krekt as de buter, dy is ek diur. Mar kum
oan, lit ûs dat kleiliet oer jildsaken aan beide siden
mar is farre litte. (*Lykeltsje bigjint mei kofje skenken.*)
Jildsaken redde har altiid al wer, sis ik. As rent it
ek in de miliarden, lik as in Frankrik in 't jier saun-
tich. Wy matte mar is in piip oanstekke.

REMMERT.

Lanheare ik hie sorch dat je der fen bigjinne scoeden.
Ik hie jister al in lange piip foar lanheare klear set,
end dy ha de frouliu knossele, end 't wier wrichtich

de ienichste lange piipe dy wy oan hûs hieden. Mar der wirde nou goeds helle.

LYKELTSJE.

Ja lanheare mat it ûs forjaen, mar men scoe 'r jin um skamje. Sa is men sims hwet brek der men net up rekkene hie.

LANHEARE.

Der ha je wol gelik oan. Suks het Nap trye, in 't jier sauntich ek underfoun. Du er miende dat er klear wier um mei sin maten nei Berlin to gastearjen to gean, do fornaem er earst dat him amper oan alles untbriek hwet ta sa 'n reis nedich wier. It jowch foar him in skealik ein — mar dit mei de piipe dat is neat Lykeltsje, wy scille den mar is in swiet pantsje fol kofje updrinke. (*Sa de kofje updrinkende falt sin each up Saepke.*) Mar hea, fortel my gou is, ho is 't mei jimme krease dochter, is dy al sib in 't fryen keard?

JAPKE.

Fy lanheare, hu kumt lanheare 'r by. Suk spilkenne wy hier nen dwaen mei ha.

LYKELTSJE.

Nou lanheare, ik mat je sisse, druk rent it hier net. Der kumt wol is hwa. Mar ik sis, end dat ha'k altiid sein, hia is yet jung, oers net? Hia ken gauer noch kumme.

REMMERT.

Ja lanheare der is wol flecht up 'e koai, fen nacht hieden de strunjeyers yet in rîm up de skûrdoar set, dat men mast er um loaitse. Mar wit je hu 't is. It stekt Japke yet al nau. Hia is trenten, dat sis ik jo. 't Is lang net like folle hwa kunt.

JAPKE.

Nou heit en hir matte uphalde! ef ik gean 'r út. Né

lanheare, der is neat fen oan. Ik hab it nou sa goed al dat it hoeft net oars.

LANHEARE.

Ja ja hertsje, sa prate jimme altiid, mar ik wit wol better. It rimke seit:

Ef is in famke from end froed,
Stil, sieaft, bidest end rein fen seden;
Libbetse ek in en hof fen Eden —
Het se lannen, jild en goed!
Sunder fryer! Sunder fryer!
Sit it bern in sorch end noed,
Bliewt er unrest in 't gemoed.

LYKELTSJE.

Nou hwet moai net? End hwet seit lanheare dat moai. O! ûs Lolke ken sukke boererimen ek sa moai upsisse, it is suver in lust. Mar ik ha nea earder witen dat lanheare it boersk sa moai koe.

LANHEARE.

Mar hwet seit us Japke nou fen dat rîmke? Het de rîmer der fen lik ef net?

JAPKE.

Ei der wit ik neat fen, de rîmers habbe it altiid mei de fammen to kryen.

LYKELTSJE.

Ik sis lanheare, end dat ha 'k altiid sein, it hert is net earder in rest, foar dat it in unrest sit. Sa is 't ûs gien, sa scil 't — mei jou wolnimmen — lanheare wol gean, end sa scil 't ûs bern ek wol gean. Lolke is mei twa bisten nei Birgermerke ta. 'k Ha frees dat as dy der goed oan in frîster kumme ken, dat dy den fen nacht to Birgum hingjen blieut. It like wol dat er heard hie, dat derre yet al forskate knappe fammen benne, end ek mei duiten, nou Lolke, as sis ik it sels, end dat ha 'k altiid sein, is net unknap.

REMMERT.

Nou ik scoe 't net hoopje. Ik ha Lolke mei sìn kouejild fry hwet lieaver wer in tiids by honk, as dat er it derre by end mei de frouliu forpierewait. End dat jild scil er ek wol kumme matte, scil ik lanheare joan foldwaen.

LANHEARE.

Ei Remmert, meitse der mar nen biswier oer. Prusen jowt sìn fyand, Frankrik, krediet, ho scoe ik it den in goe frieun net dwaen. Mar nei Birgermerke sis je? Der kumt my yet hwet by in 't sin. Do 'k in junge wier hie 'k to Birgum in omke wenjen, Lodewik om, it wier in broer fen us mem, hy is nou al lang dea west. Mar wy masten den nei omke út fen hûs, en sa kaem ik den ek up Birgermerke. Omke hie wol gjin bern, mar ik makke al gau boartfeinten, end sa masten wy den de nachts ek sjen hwet Birgermerke to keap jowch. Mar junge hwet dieden se it derre mal. As je sa fen 't dorp ou, nei Birgerdaem renne, den is der oan je riuchterhand sa'n streek husen, dat neame se der »de legewei.“ Nou der wenne destiids in timmerman, dy by gelegendheid fen de merke ek tape, end dy man skinde 'r ek in baerg by to mesten. Alteas der kumt in heap oansketten junkfolk in, end dy seien dat baes hie de baerg mei skaefspoenen truch foere, dat bist mast dea, end hia scoeden it den mar slachtsje. Ien sette up 'e hird mar gau in siur oan, fen hout end baggeler, end in oar henge 'r in houten amer oer, mei wetter, um hiet wetter to kryen.

LYKELTSJE. (*Mei forwondering*).

In houten amer? Hu kaemen 's er by, dy to raende fest.

REMMERT.

Dy forbrande fest, wotte sisse.

LANHEARE.

Ei ja — mar der kaem it net oan ta mat jimme tinke.

It mast alles mar mal , it wetter dove it fiur al wer ,
 mar do men dochs , hu de hospes ketremente , de baerg
 in de keamer healje woe , blies in oaren ien de lampe
 út . Do gung it yette fremder . Wilst men to d'iene
 ein fen de keamer sung »Door vriendschap saam ver-
 bonden , zijn wij thans hier vergaard ,” — hearde men
 earne oars wer glësen rinkeljen . Eindeliks do de lampe
 wer upkaem , mast fen 't spil proces-verbael upmakke
 wirde , thocht in klerk fen de sikterye . Dat mast den
 mar sa . Do dy oan 't skriuen mei krit up de tafel ,
 um it ding sei er mast »knap up sìn poaten stean , sa
 dat de riuchter er tillen oan hie ” Dat stik waerd
 truch trye ef fiouer kwansebasten teikene , end do mast
 baes mar mei it proces forbael dat up poaten stie , end
 der de riuchter tillen oan hie , nei 't riuchthüs . Dat
 roan ek allegeare al wer up neat út , mar junge der
 wieren sukke raere liu to Birgum destiids .

LYKELTSJE.

Fy lanheare , men scoe net hoopje dat ûs Lolke in
 sa 'n umslach rekke . Och ! och ! den wit men yet net
 hwet er in de wrald to keap is , sis ik , end dat ha 'k
 altiid sein .

LANHEARE . (Wilst Lykeltsje it
 trumpke roun hald .)

Ja sloof , mar dat het ek gjin gesaer . Birgum mat
 je tinke is sint ek nuver foroare end foarûtgien . Des-
 tiids wier er mar ien tsjerke , end dy wier yet rum
 greater nuch , end nou benu' er fiouer . Der út allenne
 ken men upmeitse , dat de mensken er , by sa folle
 iendracht in de godstsjinst , tige folle better worden
 benne . Sa ben er nou ek fiouer skoalen in pleats fen
 ien ; end as 't wier is , dat in headunderwiiser út ûs
 dagen , tryris sa folle wite mat as in skoalmaster fen
 olear , den ken men derut ek wer sjen , dat er nou in
 dosin mear witenskip forspraet wirt as wol ear . Der
 um mei men forunderstelle dat it fults er nou den ek

wol toalve treppen heager stiet up de lieade der folmakking. End thruch dat er nou in strietwei ïn 't east end west end sùd end noard truchkrûst, is er nen kearewear ef upunthald mear. Alles mat der nou, sa 'k heard ha — ik ben er in jieren net west — sa hird forûtgean, dat er gjin tiid foar 't herbergrennen oersjijt. Truch nut, oefeningen, siungselskip, bal end keecondsje mat Birgum — nei 'k hear — den ek up sa'n bisundere trep stean, fen kennis deuchd end biskaving, dat it derin up folle oare dorpen in Frislan liket.

LYKELTSJE.

Hwet lanheare seit, kum dat scoe lukkich wese. Ik gin Lolke graech in faem mei hwet jild. »Men ken fen heide nen koal, end fen de bolstien nen blummen lese», seit de skrift, ef oars ien ef oare, der wul ik ou wèse. Mar ik sis, end dat ha 'k altiid sein, der is nedich hwet jild by, end as er den by jild ek hwet fatsoenlikens is, den is 't sa folle to better. Den koe Lolke it to Birgum wrichtich wol is fine.

Se TOANEEL.

DE FOARIGEN, WIMKJE. (*Wimkje kumt forheard in 'e hus rennen*).

WIMKJE.

O frou, frou! der is wrichtich de joad wer dy hier fen 'e moarn west is.

LYKELTSJE.

Sis mar gau dat my neat nedich benne.

WIMKJE.

Dat ha we al sein, mar hy seit: hy wul de boer end boerinne sprekke.

LYKELTSJE.

Den mat Harke him mar fen 't hiem jeye.

WIMK.

O Hearink ! hark ! der hen se al. (*Men heart efter it skerm in petear fen Moses end Harke up disse wiise : Du kumst er net in — Nha je lelykert ik wel 'r in ! Wy scille sjen hwa 't baes wirde scil. Bleif van men lyf ! Laat los ! laat los zeg ik je. Der ût sis ik. End ik sta je loopen te zeggen ik wil er in ! En ik moet er in ! (Sa benne se wraxeljende wei neier kaem. Eendeliks skûrt Moses him los.)*)

9e TOANEEL.

DE FOARIGEN , MOSES , HARKE.

MOSES.

Kerel zeg ik , laat los ! laat me los ! (*Moses skûrt him los , nimt de hoed ou , end bucht foar it selskip*).

HARKE. (*Nimt de pet ou*).

Frou , ik koe him net keare. Joun menhear !

MOSES. (*Feecht it swit fen 't gesicht ou*).

Goejen avend ! goejen avend menhear ! Menhear en jelui al te samen by malkaar. Dat is my een toer geweest om hier binnen te khomen. Et koste Pruisen soveel niet om Parys binnен te komen , als my dit , dat 's wrachtig waar.

REMMERT.

Nou wy wile ek net hwet it bitsjut , um sa mar in in fatsoenlik mans hûs aan de tafel to rennen.

MOSES.

Wat dat bisjut ? Wat dat bisjut ? Wel dat bisjut so veul dat je niet by my kumt , en ik een allerbilang-rykste boedschap aan jelui heb komen staan liggen mee te deelen. Jifvrouw ! je hebt heude morrege een lotbriefje van mijn gekocht , en nou kom ik terug , om te

vragen of je 't myn teugen goed geld wel weer wilt komen staan over te doen.

LYKELTSJE.

Ei joad hald dy stil, je wîte ummers dat ik it foar nimmen wite woe.

REMMERT. (*Lilk oerein.*)

Hwet dinder hwet is dit? Benne wy in de lottery? Is mîn skoander jild ût it fesje-buske der wol licht oan foart gien?

LYKELTSJE.

Keapman, gean er doch ût, jou bringe hier de hel in 'e hûs.

MOSES.

Bei men leven zal ik gezond zijn, waarachtig niet! Ik kom er geen hel in jelui huis staan liggen brengen, maar een hemel. Wil je 't lot men zoo weer overdoen? dan geef ik je al je geld weer om, (*hy smít riksdael-ders in twa rígen up tafel*) en dan geef ik je de lap kostelijke broekenstof nog op den koop toe. Nha wat zeg je.

LANHEARE. (*Oer ein.*)

Net dwaen Lykeltsje, sis nou is hwet er fen dit spil oan is.

MOSES.

Wel nu menheer de birgermeester, ef is u keen birgermeester?

LYKELTSJE.

Ne keapman, borgermaster is er net, mar hy koe 't best wèse, sa'n skoan forstan bisit er. It is ûs lanheare, wit je?

MOSES.

Nu menheer lanheare, deuse frou heit heude morrege een lotpriesje van men genomen.

LYKELTSJE.

Ei ja , wit je lanbeare ? sa mei in slach dat ik in
lape broekstof fen de man kochte.

REMMERT.

Lit de man nou mar ûtpraete.

MOSES. (*De ríksdaelders wer nim-mende.*)

Nha — ik ben weggegaan , en zoo ben ik in de stad
komen staan liggen geariveerd , verstaan je ? En nu
ga 'k aan 't informeren hoe 't met de loterij staat , en
daar komt men teugen half drie een telegrammpjen , en
waarachtig taar is men op nommer vier tuizend en
acht-en-zeuventig de preis fen hondert teisend gefallen.
Wat ik te doen heb , ik denk die blijde boodschap wil
ik die lui , in persoon bij men levende lÿf , zelf komen
liggen bekend te maken. Ik op den trein , en zien je ?
zoo kom ik hier.

LANHEARE.

Is dat nou allegeare wol wier ?

MOSES.

Waarachtig is 't waar , taar heb je 't telegrammpjen
menheer lanheare , krijg nu jo briefjen eens moedertjen.

LYKELTSJE.

Kum , dat hab ik lieau ik in de knippert. (*Oerein.*)
Ja lanheare siuch je hier is 't , asjebließft.

LANHEARE. (*Bisiucht beide.*)

Ja wol hear ! it slût , it spil is in order. Remmert
en Lykeltsje , dit is in stik buter in de bry.

REMMERT.

Is 't wrichtich lanheare , kenne wy hwet luke.

LANHEARE.

In tsiende fen hunderdtusen is....

MOSES.

Met Uwe's welnemen menhear lanheare. Uwe's mot rekene taar gaan eerst wat af aan den lande. Want o wai! waarvan gaan nijs af aan den lande? Is er iemand gesturreve; ten voordeele van zen ureve, ze motten er van aan den lande geve, laat staan als het oit de lottery is komen staan liggen getrukke te worde. Maar ik dirf met en woord van waarachtige waarheid zeggen — dat deuze goeije mensen van taag een goeije acht teisend gilden reiker zijn geworde. Nah!

REMMERT.

Hwet sis je der, achttusen goune?

LYKELTSJE, JAPKE, WIMK, HARKE.

Acht tusen goune? O lieave fader, o sauntsien in gjin ein, o frede. 't Is in mirakel! ens.

LYKELTSJE. (*Tsjin Remmert.*)

O man! o man! Sis nou yetris dat Lykeltsje it jild net betrouw is, end net goed bistelt.

REMMERT. (*Hiar um't kin streakjende.*)

Och fanke, praet oer neat, dou bist in ingel! in ingel! Ho is 't mogelijk dat it jild fen Abele slachter sa'n fortuten dwaen scoe, 't is in wunder! in wunder!

MOSES.

En ik men ghoeije vrienden, ik vraag jelui nu nog eens, of het oirbaar was mij hier niet staan liggen binnen te laten komen.

LYKELTSJE. (*Moses de han jeande.*)

Och min lieave stimper, as 't net to mal stie, koe 'k je wol um 'e hals fleane, en patsje je dat je amper smoarden, sa ben 'k ut de skroeven. Ik sis, end dat ha 'k altiid sein, men bealicht er jimmer tsjin oan,

end kumt net fulle foarut. En nou sa mar in ienen
mei in slingerslach wolsteld! Jap, Jap hwet seiste?

JAPKE.

Dat ik ek thige bliid ben, mar dat mem nou ek net
better wese mat as har wird, mem mat nou ek ou-
stekke.

LYKELTSJE.

Ja hwet ha 'k ek unthieten liea.

JAPKE end WIMKJE. (*Tagelik.*)

Ik scoe gitten in 't goud ha, end Saap scoe in gou-
den eariisder ha. Ik scoe in gouden slot ha. Harke
in gouden haloasje-kjette.

LANHEARE. (*Loaitsende.*)

Ha! ha! ha! Goud! goud! goud! Remmert jou
meye wol fest in de skoen stean.

REMMERT.

Ja, hwet is dat nou allegeare mei jimme ruppen fen
goud, goud, goud?

LYKELTSJE.

Ei neat lanheare, witje? Ik sei fen 'e moarn do de
keapman er ut wier: nou hawar as der in baes priis
up falt den scille jimme eltmis in moai present ha.

JAPKE.

Ja — ik scoe gitten in 't goud'ha.

WIMK.

End ik in gouden slot mei in string karlinen.

JAPKE.

End Saap in gouden eariisder as hia der sels tach-
tich goune by die.

WIMK.

End Harke in gouden haloasje-kjette.

LYKELTSJE.

Nou hwet men unthiet — mat men dwaen, hwet sisse jou lanheare ?

LANHEARE.

Der ha jou gelik oan. Mar mei ik in earnstich wird sisse ? Remmert end Lykeltsje, oan hioed to dei ta, benn' jimm 'r mei wirksemens, mei flitich wesen end kloek up to passen, knap end unbespritsen truch kaem. Nou hoopje ik fen herten dat dit skoane fortuntsje fen hioed jimme net up 'e dwaelwei brengt, end dat jimme nea ta ûtspattingen oergeane. Blieu nou foaral de selde, blieuw diger end kloek, set dit sumke up rente, lit dat den de sparpot wese foar de alde dei.

LYKELTSJE. (*Oandien.*)

End foar us herten fen berntsjes, mochten wy de holle is dellisse.

REMMERT.

Sa is 't mar lanheare. Dat scil hoopje ik wol goed gean, oars scoe de winst forlies wirde. (*Tsjin Moses.*) Mar keapman, keapman ! hwet benne jou hier hioed ta'n segen west. It is sa mar gelegen man, as jou nen joad wieren den jowch ik je takumme hearst in fet haerch presint. Likwols, nou scille wy it oars wol goed meitse.

MOSES.

O boer taar dirf ik wel op staan liggen te vertrouwen, de boeren zijn royaal, vooral in Frieslant, dat is wel bekend. Nah — dat zal wel in order komen.

10e T O A N E E L.

DE FOARIGEN. LOLKE, SAEPEKE. (*De leste mei lange piipen in 'e han.*)

REMMERT.

O , der ha wy us Lolke wer thus. Lolke ! Lolke !

Lolke ! hwet is de wrald hioed wiid end breed warden !
Junge ho is 't mei dy ?

LOLKE.

»Goeden joun“ seit men earst wol is. Joun lanheare ! (*Hy nimt de pet ou en jout lanheare de han.*) Ho giet it lanheare ? (*Saapke giet wilst mei de piipen foar aan end leit dy mei de warden : »Hier benn' de piipen vrou !“ up 'e tafel. Lolke praet wilst truch, end mei it each up Moses*) End jou benne hier joun al hwet in fremd eind in 't birt, mar derum kenne wy wol is fûskje.

LYKELTSJE.

Fûskje mei dy man ? um de hals fleane seoest' him,
as 't alles sa goed wiste as wy. O Lolke dy man is hioed
us ingel west.

LOLKE.

Ja , mar der benne ek ingels des biderfs. Sa ien bi-doele jimme fest net ? Mar hea hwet steane jimme
hier nuver end fremd truch in or henne.

REMMERT.

Ja min junge, siuch hier hwet er hioed bard is.
Jimme mem wier sa undogens end kaepe jimme heite
bûsjild ût it sneinske fesje wei. Foar dat jild keape
hia fen disse keapman in lape broekstof, mei in lot-
briefke der up ta. End nou lûkt hioed de lottery
krekt, end up ûs nommer falt krekt de heachste priis,
sadat wy foar us part in goed acht hundert goune
riker benne.

IT HIELE SELSKIP. (*Buten Saep end Lolke.*)

Ei boer , acht tusend !

REMMERT.

Ei ja sa mien ik it ek , acht tusend.

LOLKE.

Te blinder! Acht tūsend goune? hwet jimme sisse.
 Saepke hearst it? Nou wirde wy yet is liu fen belang.
 End — (*hy lukt Saepke nionken him,*) sa kumme wy
 ek al wer in stap neyer ta ûs wit, scoe 't net? Hwet
 tinct er dy fen?

SAEPKE.

Ja Lolke, jimme wirde nou sukke liu! dou mast er
 nou mar skielk up ut um in rik wiif to sikjen.

LYKELTSJE.

Saepke der sis je hwet! dat ha 'k in 'e rekken. Lolke koe oars wol oankomme, mar nou yet helte better:
 Mar derum net, dou sist' ek in moai geskink fen my
 ha, dat ha 'k foar dy oer fanke, foarearst um datste
 in ûs luk dielste, dat wit ik, dou ginst it ûs, end ta
 'n twaden um min man, dy hioed do it jild út it feske
 buse miste... dou wist wol, dat ducht my sear fanke,
 dou hest din troue hinnen altiid halde kennen, mar
 sis mar werste sinnichheid in heste, as 't net oer 't
 much rent, den sist' it ek ha.

SAAPKE. (*Nimt Lolke by de han,
 en halt, foar har steangeande,
 dy Lykeltsje foar.*)

Nou as 't sa rum boerket vrou, den ben 'k gau út
 'e rie. Jaen my disse den mar, den ben 'k dubel end dwars
 to freden.

ALLEGEARE. (*Behalve de vrou).*

O! dy wearlach, to deale dy is »sijntjes« aerdich,
 dy is birekkene, ens.

MOSES.

Ik zag et ten minste van men levenstage nooit mooijer.
 't Is een salonstik, waarachtich waar! een salonstik.

LYKELTSJE. (*Fen 'e wiise).*

Nou.... ik.... ik.... ik.... mat den oars sisse,

end dat ha 'k altiid sei 'n! hawar dit forrasket my.
Fen sels as 't jimme sin is, Saepke.... 't is best —
sa net, mar.... mar....

LANHEARE.

Ik bigrip Lykeltsje wol. Der mat in breidskat wese, wol nou, lit my der foar redde. Saepke har mem is min minne west, wy habbe oan 't selde borst lein, it selde hert het us lieafhawn, end derum neam ik se ut de grap wei »min sister.“ Kuin oan, ik wul den nou is toane dat ik it har wolmien. Takumme Maye kumt de pleats iepen fen Sywert en Martsen, wol nou, as hia it oannimme, den kenne se dy pleats foar de selde hier oerkrye. Is 't er Sywert en Martsen sa goed gien, dat hia nou up de alde dei unbersorched libje kenne, den scil 't tinkt my de jonge liu in disse dure tidden der ek wol goed gean. Mar ik wul ek up noch ut net by dy lanhearen rekkene wirde, dy um end han fol jild de boeren strupe, end hiar pleats forrenne-weare litte. »Libje end libje litte, dat halt de maetskippy in wesen,“ dat is min libbensspreuk.

LYKELTSJE. (*Oandwaenlik*).

O ja lanheare, dat seit elk, as alle rike hearen wie-ren lik as jou, den scoe men praete kenne fen »greate lieue.“ Nou rent er jamk al um, as se sa lits wirde dat se hir neiste end hir mindre pas it nedige ginne, ef sunder gnibbeljen jaen kenne. Ik sis:

REMMERT. (*Falt har in 't wird*).

Ei hiu, lit lanheare útpraete.

LANHEARE.

Nou ja, ik woe mar sisse, dat ik de pleats oan Lolke end Saepke dwaen wol lik as Siwert end Martsen dy hawn ha. Wilst ik Saepke as breidskat in rieu bisten up keap ta jaen scil. As Lykeltsje to minsten den mar tofreden is.

REMMERT end LYKELTTJE.

R. Tofreden ? O ! mîn lieave man ! L. Lanheare , o hwet sis je ? — it is to folle..... (*Hia skodsje lanheare de han. Lykeltsje skriemt.*)

LYKELTSJE. (*Tsjin Lolke en Saepke*).

Bern, o mîn lieave bern, neat is er my mear in 'e wei.

MOSES.

Nah menhear lanheare ! je bent er nog een naar den ouden stijl of naar den nieuwen het raakt niet. Maar zoo waar zal ik gezond zijn , in de komeedje mogt ik zooveel edelmoedigheid aanschouwen ! in 't werkelijk leven zag ik het nooit zoo als hier , dat 's waarachtig waar.

Lolke mei Saepke aan de han foar de Lanheare.

LOLKE.

Lanheare! jins goedens rent hast oer 'e miete. Wy nimme it iene en 't oar in tank oan , in de hoop en mei de wensk , dat ûs dwaen en litten tsjin oer wrald en mensken , jou toane scil , dat it oan gjin unwirdigen bisteld is. (*Hia fûskje.*)

LYKELTSJE.

Och heden hwet seit er dat moai , net ? End och lanheare ik hie sa'n strid in my sels , oan d' iene kant mocht ik Saepke sa graech lye as wier 't min bern i end oan d' oare kant — ik woe Lolke heger oan ha.

JAPKE.

Mar it pear is mem to slim west.

HARKE end WIMK.

Ja Japke , dat wite wy ek wol. Nou ! asjebließt !

REMMERT.

Ei ja — hu wie 't nou ek wer ? der kumme Siger end Ded wer tagelik del setten fen de buren ou mei lange piipen.

SAEPKE.

Dat wier tafallich boer. Ik kaem krekt by Kopstra
ut do Lolke der foarby kaem. Nou dat wie tafallich, wel?

LYKELTSJE.

Ja! ja! in de fryerye ha 'k altiid sein, tafallicht it
sa hwet. Mar junge lieue! nou de koegel truch 'e
tsjerke is, wenskje ik jimme luk, luk in in lengte fen
jieren, wrichtich.... (*Hia is hwet oandien.*)

REMMERT.

End ik neat minder, Lolke end Saep!

Libje lang end libje sünd!
It de bük lang tsjuk end rund!
Rep de lea, wes flink end handich,
Goed birekkene, net foelbandich;
Saep blieu altiid kreas end kein,
Wes Lolke upriucht, wird nea in flayer —
Politike ef Godstienst drayer,
End fin beide in sellich ein.

It hiele selskip truch en or.

Nou! nou! hwet kumt de ald boer ut 'e huke, to
deale! Hwa hie dat tocht, it is in marakel! Nha is
't bei men leven zal ik gezond zein orrigineel! waar-
achtich!

Nei 't er wer hwet stilte kaem is.

JAPKE, WIMK, HARKE.

Lolke end Saepke wy wenskje jimme neat minder,
luk folle luk, fen herten, wy ginne it jinme.

MOSES.

End waarom ik den ook niet? Jonkpaar. Ik wensk
je het verstand van vader Abram en mevrouw Sara.
Jou jongeman het geduld van Jop, jou jonge vrouw de
bedrijvigheid en lieflijkheid van Ruth, en aan jeliu alle-
bei te saam de rijkdom van Salomon op den koop
toe. Nah!

LANHEARE.

Moai keapman ! riucht aerlich.

LOLKE en SAEPEK (Mei Moses fuskjende).

Wy siss' er den ek mar fen herten tank foar.

WIMKE.

O Saepke, 'k ha jo nimmer jou libben end moaye klean forgind — mar sa as 't er nou mei jo foarstiet! Hawar, dat mat ik sisze — dat scil 't hiele gea je binye.

HARKE.

Ja ju, hwent it is mei de fammen lik as 't liedsje seit: (*Hy siungt mei in alde drai*).

Te fryen is t famke sa lieaf end nei 't sin, —
 't Jowt fleur oan har minlikste dagen; —
 Mar lang net it luk dat in vrou habbe kin, —
 Dus in man bliewt har wolbehagen. —

LANHAERE (*Wilst se allegearre loaitse um de wiise wer up Harke sin lied siungt.*)

Nou nou Harke, jou kent 't redde, fy — sa kin men yet ris frolik wirde.

LYKELTSJE.

Ik sis 't jou lanheare, Harke der sit hwet in.

REMMERT.

Mar goede ginst, wy forjitte under alle wederwarich-heden Lolke to freechjen hu 't him up Birgemerke ou-gien is.

LOLKE.

Upperbest, de kou het hundertfifendsauntich, end it hokling twa end sauntich goune upbrocht.

REMMERT, LYKELTSJE, JAP en WIMK.

O ! O ! O ! hwet is 't nou fremd, frede frede hwet in jild, fier buppe us taxaesje ! Fier !

LOLKE.

Ja mem , nou sitte 'r smoarkoeken up. Ik ben nou
sa fier buppe it sifer, dat mem mei har wird wol halde.

LYKELTSJE.

Nou wes mas gerist heite , strak scille w'r ta oergean.
Ik woe se joun ha , um ik tocht der matte wy lan-
heare end de manliu mei utstrike. Hwet treft it nou
moai oars net ? En 't ken nou dubel lye.

ALLEGEARE. (*Buten Moses*).

Wel wis ! bisunder ! Moai , bare moai , ens.

REMMERT.

Wit jimme hwet ? de kofjetafel mast tocht my mar
ut 'e wei , end den masten wy mar mei de win bi-
gjinne. Win is by de joden net unrein wol keapman.

MOSES.

Als je maar te veul drinkt ! Waarachtig wordt se den
by de joden , even goed als by de kristenen , onrein.
Maar anders ! neen poer, ik zal mit pleinsier een glaas-
jen slaan liggen drinken up je kezonheid.

LYKELTSJE. (*Wilst Wimk end Jap
de tafel ester up ef alhie
fen it toaneel brocht ha, hwet
nedich is, um as is toaneel net
rum is, rumte to halden.*)

Wit je hwet my tochte keapman ? It wirt sa let ,
jou kenne joun hast net mear foart. Jou masten hier
fen nacht mar blieue , ken je wol um hûs end hûsgezin ?

MOZES.

Huis en huisgezin , zegt UE. ? Ik heb er keen huis
of huisgezin. (*Hy siungt — pratende, nei komike drayen*).

Ik heb hals Moses seuven jaren —

Om Racheltjen kefryd ; maar zie !

Toen ik eindelijks dacht met haar te paren ,

Toen nam ze waarachtig Malligaï,
 Toen heb hik bei me zelf kesworen:
 »Nu Rachel niet — hook Lea niet,”
 Ik heb et soentjen er bij verloren,
 Maar 'k draag hook op men hoofd keen hooren,
 Dat is een troost in mijn verdriet,
 Dat is een troost in mijn verdriet.

It hiele selskip herhellet ín koor, Forto:

Hij heeft het zoentje daar bij verloren,
 Maar draagt ook op zijn hoofd geen hooren.
 Dat is een troost in zijn verdriet. (*bis.*)

LYKELTSJE.

Mar Wimk ! Wimk ! Wimk ! mei al dy moaye grappen, fanke ! fanke ! dou mast nei de hutte; 'k Ben wrichtich bang dat it bislach forriist end it fet forbarnt.

WIMK.

Frou het gelik, mar it rent hier sa dealisse moai.
 Ik scil sleane. (*Wimk ou*).

LYKELTSJE.

Ja wol rent it hier moai. Ik ben alhiel fen de wiise.
 Sa'n jild ! Lolke in beste reis ! in skoandochter ! Ik ken
 wol dongsje. (*Hia nimb Remmert by de han. Hia sunge :*)

(*Wiise : Malborouch die vaart ten oorlog.*)

To geare : O swiete lieave { Lykeltsje.
 REMMERT : { Remmert.

Ho rent it lans de griene wei
 Sa'n sinneblink jowt roasen,
 End kranset de alte dei.

LYKELTSJE : In punge fol kald jild.

REMMERT : End der by bisten in 't field.

LYKELESJE : Der by us bern to boaskjen.

To geare siungende : Hip sa sa fen falderala,
 Sa'n libbentsje alle dagen!
 Hwa scoe er nen sin oan ha.

ALLEGGEARE.

In punge fol kald jild ! ens. end by de leste trye rigen allegearre sa folle as 't ken foar en or ef truch in or donsjende , wilst Moses end lanheare it oansiugge.

JAPKE.

Yet nea fen min libbensdagen hab ik us heit end mem sa frolik siun.

LOLKE.

Ne Japke , ik ek net.

MOSES.

Nu kinderen , dat kan men hegriepen. 't Is toch ook een tagje der tagen. Acht teisend ! en dan nog een soan aan de vrouw ! en een goed vooruitzicht in de toekomst ! Nah — et mag ellek niet gebieren.

LANHEARE.

De keapman seit sa : in soan oan 't wiif , mar 't scoe tocht my it spil yet mear foltallich meitse , as er derby foechje koe : end in dochter oan de man. As ik de driste skoen is oandie, end ik sei : Japke lieaf fanke, der heste min han , hwet seist' den ?

JAPKE.

Der bigjint lanheare wer to gek-oanstekken.

LANHEARE.

Ne wrichtig net , it is tinken , mar siuchste wol ? Ik ben hwet skruten utsfallen as 't up it stik fen fryen oankumt.

JAPKE.

Nou ja, asjebliaft, kum der sukke hearen mar um oan.

MOSES.

Wacht eens , ik weet et beter hoe 't moet. Kom jou er eens hier jonge dochter. (*Hy laet Japke alhiel up 'e foargroun*). Zie zoo ; zoo gaan je hier staan in je folle

glorie, met je zakdoek in de hand, verstaanje? dat is om de tranen, weet je? tranen behooren er by een groote lui's verloving, begrijpje? En nu menhear lanheare, kom jou nou ook eens hier. Zien je? nu gaan je zòò voor dit meisken op je eene knie liggen. Zoo. (*Hy ducht it lanheare foar*).

LANHEARE. (*Sa dwaende*).

Nou keapman, is 't sa goed?

MOSES.

Ja wel, pas nu goed op. Nu mot je de handen vouwen, — ja juist, zoo, en nu moet je op teederen toon, met hartstocht uitroepen: Japke! U heet zoo, niet waar? (*Japke kniktjen »ja«*) Japke, ik bemin u! mijn dierbre wilt gij de mijne zijn?

LANHEARE.

Japke, mijn dierbre, ik bemin u, wilt gij de mijne zijn?

MOSES tsjin JAPKE.

Nou moete jou lanheare omhelsen — zie 'n je? zoo om zen hals vliegen — (*Moses ducht it foar*) en dan mot je met tranen in je oogen, tranen van aandoening, van blijdschap en vrees, verstaanje?....

JAPKE.

Mar man, as ik den nen trienen ha, hu den?

MOSES.

Dan wrijf je maar ter dege met je zakdoek in d' oogen, zoo schreijen er zoo veul. Maar nu moet je zeer aangedaan, lanheare om zen hals vliegen, en uitgillen: Mijn beminde, 'k ben d' uwe voor eeuwigh!

JAPKE.

Lanheare! 'k ben jouers foar altiid, foar eeuich! (*Hia geane han aan han oer ein.*)

REMMERT. (*Brimstich*).

Mar nou rent it my den wrichtich mal genoch. Ik mat mar up it stik ou freechje, is dit tinken ef is 't kemeedsje ?

LANHEARE.

Boer Remmert it is tinken. Min libben up it slot, mei min winhounen end kalkoenen, mei boerkjen en tûntsjen, fisknet end weitask wirt my to iensum. It gehossebos mei slinske fammen, end hab suchtige hûshaldsters forfeelt my. En ik ha 'r lang wol um tocht um jou dochter ta min wiif to freechjen, um dat ik wol seach dat s'er slach fen hie um har in min stan thus to finen, mar de sorch dat hia my tsjin 't sin nimme scoe — um dat ik ek al fry hwet alder ben, halde my fen dy stap to bek. Nou bart it mei in slingerslach, en ik win er nou gjin doekjes um. 'k Freegje nou mar riucht ut : Scoe min bisit jou lakkich meitse kenne, Japke ?

JAPKE.

Lit heit en hir it andert jaen up dy fraege. O ! lanheare ! (*Hia wirth oandien end skriemt*).

MOSES. (*Oan sîde*).

Ze doet het patent, Nah !

REMMERT.

Lanheare ik ken je sisce dat ik it altiid del bedde ha, Lykeltsje is der yet al oars fen, mar ik hab it har jimmer ut de holle praet, mar dat hia fen jou halde, end fen jo droamden as har hoap en wensk ! dat mei jo fry lieaue.

LYKELTSJE.

O ja lanheare, mar siuch, hia biwarre it in har herte. Mar oars ! ik sei faek, end dat ha 'k altiid sei 'n, as Jap gjin mefrou wirt mei trye fammen end in lieaf-

habbery feint! den wît ik net hu dy truch 'e tiid kumme scil, sa 'n umslach end sa 'n deftigens het se oan har.

LOLKE.

Ik ha s'er de gek wol um oanstitsen.

REMMERT.

Mar 't is in best fanke lanheare.

LYKELTSJE.

Ja lanheare ! jou scille hoopje ik undersine hwet mem se great brocht het. Sa reitse wy beide bern kwit, och Here. Hawar mîn segen — fy — us lanheare us soan — (*Wisket in trien ou*).

REMMERT.

Ja lanheare , it is my ek maldernoch. Mar hawar it mat wenne. Jap en Menhear, mîn beste wensk den mar.

DE OAREN.

End fen ûs net minder , luk up alle wegen. Gefilisteert tot in een lengte van jaren.

SAAPKE.

Japke , Japke nou wirste yet mevrou.

JAPKE.

Mar ien geluk ik blieu din lieafhebbende sister.

REMMERT end LYKELTSJE.

End us — lieafste dochter! end altiid us Jap.

REMMERT.

Lykeltsje, hwet is dit injoun, sa'n joun forjitte wy nea.

LYKELTSJE.

Hwet praeftste ? Sa'n moaye joun belibje wy in der eeuichheid net wer.

LANHEARE.

Lykeltsje! Lykeltsje! As je nou net oerdrieue ! den

dwaen je 't fest nea. Alteas dat wulle wy hoopje. End as 't aan de dubele bruiloft ta kumt! den....

LESTE TOANEEL.

*Wimkje kumt up mei in greate bislachspoat
in 'e hadden, wer mei se truch d' oaren hinne
rint end dy se foaroan up it toaneel del set.*

WIMKJE.

Frieunen rumte hwet, der kum ik aan slepen. Och lieave sauntjen der 'k sa'n wird um sis, hwet is t' binaud, hwet is 't binaud! o Frou! frou, ik skamje my, ik skamje 'r my um, mar it is net oars, ik ken 't net biliege, mar wilst ik hier wier, end my formakke in it boask fen Saep end Lolke...

LYKELTSJE.

O fanke, sint is hier yet oars hwet bard. Us Jap end de lanheare ben 't iens worden, 't is wrichtig wier, hwet sceist' nou?

LANHEARE.

Ja Wimkje, as Japke de holle er foarhalt, den ken se nou den nionken my foar mevrouw spilje. Hwet tink je, scoe se der slach fen ha?

WIMKJE.

Nou asjeblieft lanheare. Hia is er foar in 'e widselein. Mar it is in best fanke menhear! As menhear Harke den letter foar stalteint of koetsier nimt, wul ik jimme arbeidster wol wirde. In elts gefal — ik lukwenskje jimme fen herten. O! o! hwet scil dit nys truch it gea fleane.

MOSES.

Taar heb je gelijk in. Hwent dat een eenvoudig landmeisjen, tot landsvrouwe wordt verheven, is zeker, sedert den jongenheer Izaäk met het watermeisken Re-

becka geengageerd is komen te worden , geen grosmaal in 't leven gezien , nochte gehoord , nochte gebierz.

REMMERT.

Der seil je wol gelik in ha keapman , mar Wimk mat ūs sisze hwet er in de hutte barde wilst hia hier wier.

WIMKJE.

Ja, wilst ben er strûnjeijers up it hiem end in de hutte west , ik seach er yet in skim fen du se ta de hutte útstowden. Ik ben se yet efternei west , sleat oer sleat in , renst net sa hast net , mar ik koe se net wer by , end du 'k wer in de hutte kaem , o ! allerougrislikst , du seach ik earst hwet er bard wier. Sa ha se it bislach út de poat wei in de panne mei fet getten , end der is en strow fen bakt , end siuch hier (*Wimk nimt it lid fen de beslachpoat*) sa'n raere sitsewinkel ha se in 'e beslachpot bruid. (*It selskip giet bare neiskierich um de poat hinne stean , d' iene ester d' oare ducht er in greep in end kriget hwet.*)

REMMERT.

Kriminikes hwet leit der in ? Siuch is oan , en rinkelbel . (*Hy beldert er mei.*)

HARKE.

End ik hab al in trumpet . (*Hy blaast er up.*)

SAEPKE.

Siuch in flach ! (*Hia rullet it flachje út en oar : ('t is in flach fen Nederlan)* mar och hea , dy is net droech , ef er klibbet bloed oan. Siuch minn hannen wirde read , it wier oars sa'n moaye flach — mar bloed er oan ! dat griist jin.

MOSES.

Taar heb je gelijk in ; een vlag met bloed beklekt is een treurig stik. Maar ik heb hier wat moais ! (*Moses fint in wite sliepmutse in de poat.*)

IT SELSKIP.

In sliepmutse fordild , nou wirt it yet malder.

MOSES.

Ik zal hem maar eens up zetten ! (*Moses ducht it.*)

LANHEARE.

Der steane letters up keapman. (*Tjin Japke dy neyer aan Moses stiet*) hwet stiet er up dy mutse Japke? (*Moses halt Japke de holle ta en Japke lest:*)

JAPKE.

»Voor de dienst in Neêrlands Indie.”

MOSES.

Nah , die 's prachtig , en niet van gistere.

LANHEARE.

Misschien fen Ulespegel !

LOLKE.

Ik hab al in fluite. (*Hy fluitet er up.*)

LYKELTSJE.

En och hwet hab ik hier ? in lyts berne himtsje , o ! ougrislik hwet is 't raar. (*Hia loaitse wakker.*)

WIMK.

Dat mat de frou Saap ef Japke mar forearje.

JAPKE.

Nou den mast dou *dit* mar ha , in moai litsberne mutske. (*Hia smit it Wimk ta , der wirt freselik lake.*)

LANHEARE.

Siuch nou is , ik fin wrichtich in snoeimes , hwet is 't fremd !

REMMERT.

Ja dat is *jou* wol fremd menhear , mar folle lanhearen renne er altiid mei in 'e han , end alle fiif jieren wirt it up ny slipe.

LYKELTSJE.

Ja en ik sis, end dat ha'k altiid sein, den snoeye se sims
up it libben um ou.

LANHEARE.

Ja, mar de boeren matte ek wol is upskepe wirde,
ef hia wirde de rayen lik, dy sels net wite werum dat
se waexje.

MOSES.

Maar hwet is dit? Kijk eens! (*Moses hellet in lits pakje uit de poat foar it liucht, dat er al útrollet en útfaldet, sa dat it in grote lape wit pompier wirt, end derút kumt in bril to foarskin. It hiele selskip slacht er oanducht up.*)

SAEPKE.

Frede hwet in grote wite lape, siuch der stiet
hwet op. (*Hia wiist nei ien fen de huken*).

MOSES.

Waar? Ja zeker. (*Hy ken 't net lese.*) Och keik jy
er eens hear lanheare, 't is vast griesks of latijns.

LANHEARE.

Der stiet: Ken je 't fine frieun? Set oars
Disse bril mar up je noas.

LYKELTSJE.

Nou! nou! hwet is 't in merakel!

REMMERT.

Hwet is sa'n merakel?

LYKELTSJE.

Dat de lanheare suks latijns sa mar gled lise ken.

MOSES.

Dat de boeren et verstanne, wil vrou zeggen, maar
stil, ik zal de bril maar eens upsetten. (*Mei geest-
drift*). Waarachtich ik vind et! zien je? Keik daar
staat et. »Nederland anno 1901.«

REMMERT.

End der stiet neat up, fy dat is ek al fremd.

JAPKE. (*Dy truck in huke up to tillen er truck siucht*).

Siuch der stiet fen bennen hwet in.

MOSES.

Je hebt gelijk, jonge jiffrou. O het is deidelijk ; taar zien je 't : »Kaart van het Duitsche rijk." Nah ! taar sit hwet achter , wat zegt u mijnheer lanheare ? (*Moses teert it pompier up*). Die 's aerdich !

HARKE.

Hwet sit der efter keapman ? Hwet bitsjut it ?

MOSES.

Dat bitsjiut , dat Neerland in 1901 met de bril gezocht moet worden , en alleen zal te vinden zijn in het groote Duitsche rijk. Zien je ? nou begreip je wat het zegt geannexeerd te zijn. Ze hebben Neerland niet gestolen , niet plat geschoten , niet veroverd — maar geannexeerd. Zonder te vragen of 't paste en naar genoegen was , zijn wij opgelost in het Duitsche rijk, om er de lasten en lusten van te dragen.

HARKE.

Nou ik sis den mar plaen ût , as dat den sa mar mei stille trumme ta gean ken , den hab ik er gjin forstan mear fen. Hwet divel nou , wy habbe mei oranje oan 't head altiid in égen hushalding hawn , en as se der in ein oan meitse wulle den scille se sjen dat er yet Friske stiifkoppen benne. Hwet sisse jou lanheare ?

LANHEARE.

Ja Harke , hwet scil ik er folle fen sisse. It unbrekt Neerlan aan iendracht. Wist men de gouden frede tsjinstber to meitsen ta heil fen 't algemien , truck up alle wiisen nuttige kennis end wolfeart under alle stanen to forsprieden , den scoeden wy de sterkste dik ef daem meitse keunne tsjin oer-uttheemske hearskippy.

Mar mei harrewarjen oer godstsjinst en skoale, wer fen
neat oars as sucht nei 't masterskip de drieufeer is,
slope wy us sels, en giet — frees ik — Neerland yet
in twadracht, — ta spot fen Europa — to sink.

LOLKE.

Ei fy lanhearc, end skielk mîn swager, der wulle
wy it beste fen hoopje.

REMMERT.

Hier is to minste yet in poat fen oerfloed. (*Hy kri-
get in hanfol uleveltsjes út de poat.*)

SAEPKE.

Ja, end siuch hier is. (*Hia het in hanfol koekjes.*)

LANHEARE. (*Ducht ek in taest in
de beslachspoat en kriget er ek
in hanfol swiete kaeve ut.*)

Der in poat fen oerfloed is, tsjinnet it us woldiedich to
wesen, kum oan, ien ! twa ! mars ! (*Hy smit de lekker-
nye under de taskouers.*)

MOSES.

Patent, exellent ! Dat kan nu heeten annexeeren te
laten. (*Moses ducht ek sa.*)

DE OAREN.

Ja ! Ja ! to mar, dat benne kugels fen frede, Paf !
(*Ek hia saye hiar lekkernye oer 't folts.*)

LANHEARE.

Sa struit de natûr har milde jiften nou alle dagen
oer it menskdum. Hu dwaes dat men er nen tankber
brukme fen makke.

JAPKE.

Den scille wy truck wiiser to wesen, in goed foar-
bield jaen.

WIMKJE.

Mar mei dat al as 't up is, is 't dien. End sa is 't hier

ek. De poat is leach, en deademansfinger is 't ein
fen de grap.

LANHEARE.

In foarfield foar us allegeare.

LYKELTSJE.

Mar frieunen, mei al dy grappen end al dy wille,
mat ik jimme sisse dat ik er mal fen ben, dat wy disse
fremde stoarje joun bilibje masten. It wier ef it my
up 'e lea lei, dat er sa hwet fulchje scoe. Hwent ik
sis, end dat ha 'k altiid sein, as 't alles sa moai rent
den kumt er wer in slach up. Ik scoe Jimine joun sa
ûnstrike, end sa swiet ûnthalje up smoarkoeken, end
och och, nou is 't sa allermoeilikst mistribele. Ik
ben der mäl fen dat 's wrichtich wier.

LANHEARE.

Ei dat is neat Lykeltsje. (*Hy slacht de earm um Japke end giet mei har up side foaroan up it toaneel stean*).
Ik wit wol hwet dat wy lieaver ha as smoarkoeken.
(*Hy pattet Japke*).

JAPKE.

Ja mem, end ik ek wol. (*Lolke end Saepe geane
tsjinoer de lanheare aan d' oare side up it toaneel. Harke
mei Wimk der efter ek. Hia dwaene lik as lanheare end
Japke, en sissee ek sa*): Wy ek wol! wy ek wol! (Rem-
mert nimt Lykeltsje end giet der mei aan de side by
lanheare stean sa dat de fiouer pearen nou in langwerpich
fiouerkant utmeitse.)

REMMERT.

Wel nou as jimme, jimme der mei treastgje kenne,
wy wite it sels ek wol. (*Hy pattet Lykeltsje ek*.)

*Moses yet altiid mei de sliepmutse up 'e
holle, end de bril up 'e noas, giet nou in 't
midden efter de beslachpoat stean, end siungt.*

(Wiise : *Gij vergt my dat ik zingen zal.*)

Het leve als men 't wel beschout,
Is al een wonderstuk.
Den een die vrijt, den andere trout,
Maar ik zit in den druk.
Ik ben een ongelukkig man,
Omdat ik niemand zoenen kan.
Die vrouw noch meisje heeft op zij
Een ongeluk is hij.

KOOR.

Hij is een ongelukkig man
Die vrouw noch meisje zoenen kan,
Die vrouw noch meisje heeft op zij,
Een ongeluk is hij.

MOSES.

Toen Adam nog lag in zijn krib
Te slapen op het dons,
Kroop mevrou Eva uit zen rib —
Maar Adam zei: allons!
Na dat hij met haar had gevrijd,
Al ware ik ook zes ribben kwijt,
Al was 't om seuven ook te doen,
Ik gaf ze voor een zoen.

KOOR.

Toen hij met Eva had gevrijd,
Was Adam wel een ribbe kwijt,
Maar was 't om zeven ook te doen,
Hij gaf ze voor een zoen.

MOSES.

Dus weegt het vrienden u soms zwaar,
't Geeft altijd geen pleizier,
Verbindt u dan tot hem en haar,
Zoo als deez' lieden hier.

Want waar dat een alleen voor zwicht,
 Dat dragen twee te samen ligt
 En wonen vrees en zorg in 't hart —
 Een kus verdrijft de smart.

Koor.

Want waar dat een alleen voor zwicht
 Dat dragen twee te samen ligt.
 En wonen vrees en zorg in 't hart,
 Een kus verdrijft de smart.

MOSES.

Is soms uw beurs hoeveel ge ook doet,
 Als deez beslachspot leeg,
 Wel hem die van zijn vrouwtjen zoet,
 Tot troost, een zoentjen kreeg.
 Hij is een regt gelukkig man,
 Die vrouw of meisje zoenen kan.
 Neem zoo gij kunt de proef er van,
 Je kunt er vast op an.

KOOR.

Hij is enz.

*As er foar ruppen wirt, giet Mozes up de estergroun en
 kumt Remmert foar, end siungt:*

Wiise : *Laat ons saam in onzen kring.*

Koe moarn end joun in min gesin,
 Jimme sinnen flye.
 'k Hoopje der men 't skikke ken,
 Scil men se ek sa krye.

KOOR.

Traderatraldera enz.

Lanhears net to strang end stiif.
 Riuchtute end brave joden,
 Remmerts Nyboers mei it wiif
 Mei jimme bern end boden.

KOOR. (*As foaren*).

Libje soun end libje lang,
 Frolik oer de miete.
 Nucht aan 't wirk jowt fleur de sang,
 Hwa ken 't siungen litte.

KOOR. (*As foaren*).

U t.

M. J. W.

10-20 II '41

P A T S J E S.

EARNSTICH GRAPPICH SANGSTIK

fen de skriever fen: *In moarn end in joun by Remmert*

Nyboer end sín gesin.

PRIJS 10 CENTS.

Dit zangstuk eigent zich, om na de opvoering van
bovengenoemd blijspel te worden gezongen.